

HWA SJONGT MEI ?

Tekstboekje

FAN

FRYSKE LIETEN

*

STE PRINTINGE

1946

UTJOWN BY T. WEVER — FRENTSJER

HWA SJONGT MEI ?

Tekstboekje

FAN

FRYSKE LIETEN

*

5TE PRINTINGE

1946

UTJOWN BY T. WEVER — FRENTSJER

FOARWURD

Op oanstean fan it „Kristlik Frysk Selskip” is dit boekje útjown. Underskreaunen hawwe de lieten útsocht en oardere. Wy hawwe allinne dy lieten sammele, dêr't in sjongwize by bistie. De measte binne oersettings út Nederlânske tekst fan sangen, dy't yn Kristlike húshâldings en op Kristlike Skoallen folle songen wurde, mei hwat Psalm- en Gesangfersen.

Dit tekstboekje is ornearre foar Kritten, Kursussen, Húshâldings en Kristlike Skoallen. Lyk as op somlike Kristlike Skoallen aan 'e bern in tekstboekje fan „*Ons Liedeboek*” fan Pelser en Van Zanten op 'e bank jown wurdt, sa kin op 'e Skoallen fan Fryslân fuortoan ek: „*Hwa sjongt mei?*” oan 'e bern jown wurde.

De auteurs jerne tank for har goederjowskens om de tekst ôf to stean.

Yn 'e 5te printinge binne inkele nije lieten opnommen yn it plak fan âlde, dy't better weilitten wurde koenen. Hjir en dêr is ek de tekst hwat foroare. De âlde nûmering isbihâlden.

S. E. WENDELAER BONGA, Dokkum.
M. S. E. VISSER, Britsum.
A. M. WYBENGA, Nijwier.

1. FRYSK FOLKSLIET.

Frysk bloed, tsjoch op! wol nouris brûzje en siede,
En bounzje troch ús ieren om!
Flean op! wy sjonge it bêste lân fan 'e ierde,
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it roun,
Dyn âlde eare, o Fryske groun!

Hoe ek troch oermacht, need en sé bitrutsen,
Oerâlde leave Fryske groun,
Nea waerd dy fêste, taeije bân forbrutsen
Dy't Friezen aan har lân forboun.
Klink dan, ensf.

Fan bûgjen frjemd bleau by 't âld folk yn eare
Syn namme en tael, syn frije sin!
Syn wurd wie wet; rjocht, sljocht en trou syn leare,
En twang, fan hwa ek, stie it tsjin.
Klink dan, ensf.

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wês jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
In grien en krêftich bloeijend leat!
Klink dan, ensf.

Dr. E. Halbertsma.

2. FREDE OP IERDE.

Wize: Jezus 'k wil U needrig volgen.

Yn it stille nachtlik tsjuster
Waerd alear de toan fornomd,
Dy't fan inglelippen trille:
Jezus is op ierde komd.

't Rûsde oer Bethlims fjilden,
't Blide en súvre ingleliet;
En dy sulvren klanken jildden
Him Dy't frede brocht op ierd.

't Is in frede, dy't yn 't herte
Fan it skuldge minskebern
Treast jowt, om by elke smerte
Yn 't gelove omheech to sjen.

Dêr is 't lân fan iivge frede;
Dêr is elke striid to'n ein;
Dêr is elk fan soarch en neden
En fan krûs en lêst fûntslein.

Sil dat leaflik „frede op ierde”
Ienris sjongd op ingletoan
Yn ús herte wjerklank fine, —
Bûge w' ús dan foar Gods Soan.

O. S. Akkerman.

3. DE NAMME JEZUS.

Wize: *Er ruischt langs de wolken.*

In namme rûst leaflik en sêft troch de wrâld
En sprekt fan foriening, fan rêt en bihâld;
Gjin namme foar 't herte sa swiet en sa bêst,
Hy makket in ein oan ús lijen en lêst.
Kenstû, kenstû, dy namme net,
Dy't ommers allinne myn Heilân biheart?

Dy namme komt siker myn Jezus ek ta;
Us allegear' wol Hy loksillich graech ha.
Sa leaf hie Er sûndaers, Hy is der foar stoarn,
Genede by God brocht Syn bloed foar ús oan.
Kenstû, kenstû, dy Jezus net,
Dy't ommers allinne foldien for ús het?

Ja alles bûcht ienkear foar Jezus de Hear,
En d' Ingelen sjonge altroch ta Syn ear.
O meije wy ienkear foar Jezus ek stean,
Ho bliid sil ús sjongen de Himmel troch gean.
Jezus, Jezus, Jou Namme de ear!
Hwant Jo binn' der minsken en Ingelen Hear.

Menaem.

Sjoerd Klazes (Bartlema)

4. EK FOAR MY.

Wize: *Heer, ik hoor van rijken zegen.*

Heare, ik hear fan gunst en segen
Jown oan 't hert fan skuld forsein, —
Jow fan 't heil ek op myn wegen
Sêfte drippen, mylde rein;
Heare ek my, Heare ek my,
Sêfte drippen, Heare ek my.

Lit, o Fader my net lije,
Dat ik swymje yn sündesmert;
Mocht ik Jo myn libben wije;
Jow Jins leafd' ek yn myn hert.
Heare ek my, Heare ek my,
Jow Jins leafde ek Heare yn my!

Hillge Geast, dy't sûndaers sillicht,
Blinen 't ljocht jowt, myld en skoan,
't Skuldich herte treastend hillicht,
Driuw dochs mei Jins krêft my oan.
Heare ek my, Heare ek my,
Wurkje ek mei Jins krêft yn my.

Leafde Gods, oan 't krûs biwiizge
Bloed fan Jezus, meitsj' my frij!
Dat foar my dêr 't heil út riizge;
Wurkje hearlik ek yn my!
Ek yn my, ek yn my,
Wurkje hearlik ek yn my.

Lied me o Harder, op Jins wegen,
Meitsje my fan sûnden frij;
Floeit in stream fan ljocht en segen
Foar in wrâld, Heare, ek foar my!
Ja foar my, ja foar my,
Foar in wrâld, Heare ek foar my!

A. M. Wybenga.

5. DES CHRISTENS FADERLAN.

Wize: *Des Christens Vaderland.*

Hwêr leit des Christens faderlân?
Oan 't Fryske strân? Is 't Nederlân?
Is 't hwêr't de Ryn of Donau floeit,
It nôtfjild blinkt, de drûfbeam bloeit?
O né, o né, o né, o né,
Gâns better lân hat God my ré.

Hwêr leit des Christens faderlân?
Is 't Ingelân? Of Denelân?
Is 't hwêr't de stoarm fan 't Noarden rûst?
Is 't hwêr't de Rus oer 't sniefjild strûst?
O né, o né, o né, o né,
Gâns better lân hat God my ré.

Hwêr leit des Christens faderlân?
Is 't Grikelân? Is 't Switserlân?
Is 't hwêr't Feneetsjes skipper dreamt?
Is 't hwêr't de gleone lava streamt?
O né, o né, o né, o né.
Gâns better lân hat God my ré.

Hwêr leit des Christens faderlân?
Is 't Azia? Australia?
Is 't hwêr't de sinne it sânfjild skroeit?
Is 't hwêr't de Mississippi floeit?
O né, o né, o né, o né,
Gâns better lân hat God my ré.

O hearlik, himelsk faderlân,
Om ierd' en himel wynst' dyn bân!
Dêr sjongt de Seraf wûnderswiet,
Dêr jûcht it Inglekoar syn liet;
Dat is foar my, dat is foar my,
Dat ivich faderlân foar my.

Dat is des Christens faderlân;
Dêr is gjin nacht, gjin sinnebrân;
Dêr byt gjin smert, dêr weagt gjin krûs,
Dêr falt gjin trien, dêr bin ik thûs.
Dat is foar my, dat is foar my,
Dat ivich faderlân foar my.

Dat is des Christens faderlân;
Dêr bynt de rykste leafdebân;
Dêr sjocht it reine hert syn God
Yn Salems stêd, dy goudne skat.
Dat is foar my, dat is foar my,
Dat ivich faderlân foar my.

Der hymlen himel, jûch' ik frij,
O God, myn God, foar my, foar my!
Al bin 'k hijr earm, dêr bin ik ryk
En oan Jins hearlik byld allyk.
Dat is foar my, dat is foar my,
Dat ivich faderlân foar my.

A. M. Wybenga.

6. BITROUWEN.

Wize: *O Heer, die in den Hemel woont.*

Us leave Hear, dy't alles docht,
Dy't alles wit en alles sjocht,
Hy is sa goed, sa myld en gol,
Dat Hy my trou biwarje wol.

Syn noed giet oer de lytse mosk,
De fûgeltsjes yn fjild en bosk,
It gêrs, de blomkes op it lân,
't Komt alles fan Syn Heitehân.

Gjin moskje op ierde falle sil,
Of it is de Hear syn hege wil.
Hy sjocht ek my, forlit my nea,
En hoedet my foar leed en kwea.

O, trouwe Hear, hear myn gebet;
Jow my in goed en dimmen hert,
En meitsje-as d' Ingelkes my from,
Det 'k by Jo yn 'e himel kom.

(Oersetting.)

Fedde Schurer.

7. BY 'T OPGEAN FAN 'E SINNE.

Wolkom freugde fan 'e wrâld,
Haedljocht oer 'e stjirren
Griente-krûd en blommefâd
Mjitter fan ús jierren
Himel-each, dy't al oersjocht,
Dy ús dauwe en mist úntsjocht,
Dy ús 't fjild bimielet,
Ja, mei goud oerstrileet.

'k Sjoch de nacht al rju forflein
Mei syn brune wjûken;
Alle man dy riist oerein
En bigjint t'üntlûken,
d'Iene ploeget sjiddet eid't,
d'Oare skiep en kij forweid't,
Elk is drok yn roeren
Om syn dwaen to stjûren.

Alle dier, forhûge, sit,
Rint, fiocht, ljept en dounset,
Brinzget, derten bûten wit,
Blérret, bôllet, gounzet.
Ein en gies yn 't wetter sljurk't,
't Wylde fûgelt tureljurkt,
Libje yn fré en rêsten,
Bûten skeel en lêsten.

Gysbert Japicx.

8. AS CHRISTUS DE HEAR....

Wize: In Bethlehem's stal.

As Christus de Hear ús wennet yn 't hert:
Hy lústert nei 't lûd, de klacht fan ús smert.

Untsinkt ús it libben en driigt bang de dea:
Hy sil ús bihâlde, Hy rêdt ús fan 't kwea.

As 't leed ús birint, de freugde forgiet,
Forbjustere moed to twiveljen stiet,
O siz dan oan Jezus dyn muoiten en lêst,
Hy bringt ús it paed lâns, Hy jowt ús Syn rêst.

De minsken har treast forsëftet gjin smert,
Mar Jezus bringt heil en frede ús yn 't hert.
By Him is de wysheit, it trouwe geduld,
By Him is genede foar sûnde en skuld.

(Oersetting.)

A. J. Montsma.

9. IT HEARLIKE LAN.

Wize: Ver boven 't prachtig sterrendak.

Heech boppe sulv'ren stjerreloft
Dêr is in hearlik lân;
En fleurich sjongt in bliere kloft
Fan sill'gen hân oan hân.
It: „Hillich, hillich is de Hear!”
Klinkt hiel de himel lâns.
Mar hark — ho 't lytse bernestim
Ek sjongt mei ynlik nocht:

Koar:

As wy fortrouwe op Gods Soan,
Dan jûchje w' ienkear foar Syn troan;
Dan bliuw' wy ivich by de Hear
En sjonge psalmen ta Gods ear.

Is 't ierdiske lok mar foar in tiid,
Dêr boppe is 't sa net.
Dêr bliuwt it feest, dêr bliuwt it bliid,
Dêr is gjin sûnde yn 't hert.
Ho hearlik dochs dy himelsang —
En sündich is 't op ierd' —
Hwa is it, dy 't dan net bigeart
Sa 'n sillich sielsgeniet?

Koar:

As wy fortrouwe....

O God, bring mei Jins Hill'ge Geast
't Gelove yn ús moed.
Meitsje ús ek rein fan súnde en skuld
Yn Jezus' dierber bloed.
Stean' wy dan foar de deadsrivier,
Wy freze dan net mear.
Mar komm'bihálden oer en blier
Bring' wy ús Jezus ear.

Koar:

As wy fortrouwe....

(Oersetting.)

A. J. Montsma.

10. 'T EACH OMHEECH.

Wize: Daar boven is een heerlijk oord.

Wy gean mei moed ús libbenswei,
't Each omheech, 't each omheech;
Hwat ús yn 't libben treffe mei,
't Each omheech, 't each omheech;
En giet it soms troch tsjustomsternis,
Us Jezus laet ús súnder mis,
Sa binn' wy fan ús takomst wis,
't Each omheech, 't each omheech.

Is hir de striid ek faken swier,
Wy slaen by 't swierste krús noch blier
't Each omheech, 't each omheech;
Wy fiele ús troch ien bruorrebân
Forboun; en oan Gods leafdehân
Gean we op nei 't iivge Heitelân.
't Each omheech, 't each omheech.

O. S. Akkerman.

11. IT LUTHERLIET.

In sterke stins is de iivge God,
In treast yn striid en pine;
Al stekt ús 't leed, al twingt ús 't lot
Syn Ijocht sil altyd skine.
De fijâns daget op
Mei wyld en dryst gerop;
Hy giet syn tsjuster paed
Utrist mei wrok en haet,
Mar sil as tsjef fordwine.

Gjin ierdske macht, gjin wrâldsk gewelt
Sill' wy ta help bigearre:
Us heil is by de Himelhelt,
Sa kin gjin stoarm ús deare.
Witt' jim Syn namme en ear?
Hy's Christus, Hy de Hear
Gods Ienichsterne Soan,
De hege op Davids troan
Dy't ús Syn gunst forkleare.

Al bearde en drige in iepen hel,
Dat sil gjin hier ús krikke!
Gjin freeze slacht Gods feinten del,
Gjin list, gjin satans macht
Sleept oait ús yn 'e wacht;
Wy wike nea fan 't sté;
Syn founis leit al ré:
Ien wurd! Hy moat forsinke!

Gods Wurd bliuwt stean de tiden lâns,
It wit fan fal noch wiken,
Rydboskje o Satan, foar Gods glâns,
Gods macht docht ivich blikken.
Slaen ús yn vrou en goed,
Untnim ús bern en bloed,
Dyn winst is ydle skyn:
Wy gean de himel yn
En ervje keninkriken.

A. M. Wybenga.

12. KRYSTPSALM.

Wize : Daar is uit 's werelds duistere wolken.

Der giet út ierde dûnkle wolken
In ivich Ljocht de himel lâns!
Kom ta syn strieling, alle folken,
En dû, myn siele, oanbid syn glâns;
It sil de skaden swiid oerskine,
De swarte skaden fan de dea —
De nacht fan sûnde sil fordwine,
Genede spraet har moarntiidsrea.

Jo bin mei frede ta ús kommen,
Mei frede en vrijdom, wille en ear;
De beage is fan ús nekke nommen,
God lof, wy binn' gjin slaven mear.
Nou leit yn 't stof de stêf tobrutsen
Fan dy 't ús wrede driuwer wie;
En 't wapenreau, yn flammen stutsen
Fan him dy 't ús nei 't libben stie.

Hwat heil, wy hawwe in Bern ûntfongen
In Soan joech God ús troch Syn krêft:
't Biwâld is om Syn skouders hongan,
Syn lêst is licht, Syn jok is sêft.
Syn namme is Wûnderfol; Syn dieden
Binn' leafde-wûnders, einleas ryk;
Hy bringt ús wer, nei wreevlich skieden,
Ta God, Syn reine bern allyk.

O, Fredeprins, Jo kin de frede
Op ierde en yn myn siele jaen.
Jow eltse sùnder Jins genede,
Lit hiel de wrâld Jo hulde dwaen.
It Keninkryk moat Jo bihearre —
De transit fan Jins hearlikheit
Hat God yn 't ivich rjocht groundearre:
Him wê's de lof yn ivichheit.

(Oersetting.)

Fedde Schurer.

13. YN DE KRYST-NACHT.

Wize: Komt allen te zamen.

Komt, Krist'nen, kom harren
Optein blier fan herte,
Riigje foriene ta Bethlehems stâl.
Skögje dat Berntsje,
't Sil de wrâld bifrije.
O kom, lit ús oanbidde (3 X)
Dy Kening.

De Heilân fan d' ierde,
Soan fan de iiv'ge Leafde,
Leit yn in krêbbe en op earmtlik strie
't Is de Foarseine,
Dy't it Wurd foltôget.
O kom, lit ús oanbidde (3 X)
Dy Kening.

Kom, sjong nou de Heilân
Himelske inglekoaren,
Loovje Syn Leafde dû minskebernen.
Eare ha God, yn Himel en op Ierde,
Yn minsken wolbihagen (3 X)

Foar ivich.

(Oersetting.)

Fedde Schurer.

14. OAN JEZUS.

Jezus 'k wol Jo dimmen folgje
Hwêr 't Jins hân my hinne stjûrt;
Hwant ik wit, Jins hân is leafde,
En Jins wil is jimmer goed.

Moat ik troch woastinen doarmje,
Hear, dan wize Jo de wei;
Bin ik bliid yn 't rêstich witten:
Jezus bliuwt my altyd nei.

'k Bin in frjemdling hjir op ierde,
Mar nim Jo myn hert en hân;

Wol my troch Jins leafde liede
Nei it ivich Heitelân.

(Oersetting.)

Fedde Schurer.

15. DE KRYSTTYNGE.

Wize: *Rijst op, rijst op voor Jezus.*

Wês bliid, wês bliid to moede;
God hat oan 't minskdom tocht!
Ik doch de skoanste tyngē:
Oer alle folken 't ljocht!
De Sillichmeitser, Christus,
Forliet Syn gloarjetroan;
Yn Davids stêd is berne
De Heechste Davidssaan.

'k Mei jimme it teken sizze:
Jim sille it heilich bern
Biwuolle yn neazge doeken,
Yn strie en earmoed sjen.
Foar him ús himelsangen,
Hwant frij fan skuld en flok
Riist nou foar 't freezjend minskdom
It lang forwachte lok.

Oan God, oan God al de eare:
De God fan 't heilforboun,
Him, d'Opgong út den Hegen,
Hat Hy oan minsken jown.
Nou dauwet frede op ierde
By 't ljocht fan Bethlims stjer;
Yn minsken wolbihagen:
It minskdom libbet wer.

A. M. Wybenga.

16. YN DE IERE MOARN.

Yn d' iere moarn, as d' amme rûst,
Fan 't wyntsje, dat oer 't wetter strûst.

Dan komme 'r fâlden yn it sljocht,
En dêr yn struit de moarn syn ljocht.

Sa ploeit Genede yn 's minske hert
De tsjustre fâlden fan de smert.
Mar struit ek yn dy fâlden 't ljocht
Fan frede Gods, dy Kristus brocht.

Oan't David om syn harpe bea,
Hong hja dêr swijend, stil en dea;
Mar mocht er har oan 't triljen ha,
Gods ingels harken glimkjend ta.

Sa sliupt in minsk' oan't ier of let
De Geast fan God him grypt yn 't hert,
Dan trilje 'r snaren drôf en blij,
En d'ingels sizze: hark en swij!

Dan fynt er frede foar syn hert,
Dan fynt er treast foar alle smert;
't Wier skaed, al hwat him d' ierde brocht;
God jout him 't wêzen, 't libben, 't ljocht!

Nij Frysk Lietboek.

Lütsen.

17. LOFSANG.

Wize: *Daar juicht een toon.*
O God, sa great, sa ryk en goed,
Wy tankje Jo mei hiel ús moed:
Jo biede ús drege gunsten oan,
Jo stjûrden ús Jou leave Soan.

Forlost fan kwea, fan sûnde en wet,
Fortrouw' wy fêst en freezje net;
Hoe lokkich dat ús herte it wit
Dat God, ús Heit, ús noait forlit.

Us God hat greate dieden dien,
Wy ha Syn hearlik Wurd forstien;
Hy hat ús út it tsjuster brocht,
En skynt oer ús mei 't ivich ljocht.

Hoe hearlik is 't ús tasein diel:
Gods Ijocht is liedstjer foar ús siel;
En falle ús lea yn de ierde ek wei,
't Heil wiist ús nei de opstânningsdei.

O God, Dy't earme sünders redt,
Wy priizje Jo mei mûle en hert:
Jo skikke oan ús d'oorwinningskroan
En sjonge ek ienmul foar Jins troan.

A. M. Wybenga.

18. BY JEZUS' BERTE.

Wize: *Daar juicht een toon.*

It wide fjild leit stil yn sliep,
Allinne skepers mei har skiep
Dy weitsje wol, dy hâldte wacht:
It is de stille Krystiidsnacht.

Dêr skynt in glâns, sa wyt en hel,
Dêr strike sweevjende ingels del;
Dêr rûzet troch de loften 't liet
Fan „Eare oan God en frede op ierd!”

„Ei, skepers, gean nei Bethlehem,
Dêr kaem to-nacht de Hear foar jim
En Jezus, 't hillich Krystiidsberن,
Sil jim yn doeken lizzen sjen.”

Kom lit ús mei dy skepers gean,
Earbiedich by dat Berntsje stean!
It woe foar ús safolle dwaen —
Litt' wy ús hert oan Jezus jaen.

Fedde Schurer.

19. KOM, RIKKE WY AS BRUORREN.

Nei it Bounsliet „Ned. J. V.”

Kom, rikke wy as bruorren
Elkoar de sterke hân;

Al brekke stoere muorren,
Us trou forboun hâldt stân.
Ien Hear mei ús gebiede,
Dy't foar ús sünden stoar;
Ien wachtwurd mei ús liede
len findel giet ús foar.

Wy leauwe en wy witte,
Al drigen hel en dead,
Jo sille ús nea forlitte,
O Bounmaet goed en great!
Al wanke swiere tiden,
Jins skyld bliuwt ús ûntwyk.
En ûnder stoarm en striden
Oerwint Jins Keninkryk.

Des fijâns wapens blinke,
Wy hearre 't wyld geroft —
Op, lit de striidrop klinke
En 't findel yn 'e loft!
It leafdefjûr fan de Iene,
Dy't ús forlosse sil,
Hâldt stridende ús foriene:
Ien man, ien macht, ien wil.

Lit Satans pylken fleane,
Lit komme smert en smaad —
Droech Hy, for Hwaem wy steane,
Gjin toarnekroan op 't haed?
Oft ús de wrâld forstjitte,
Us haetsje en hune mei —
Dochs sil de wrâld it witte:
Wy folgje Jezus nei.

Sa lit ús 't boun biswarre,
Fornijd yn need en wea,
En ta ús biedwurd karre
It: „Trouw oant yn 'e dea!”
Hwant bergen kin biswike,
De wrâld mei ûndergean,
It leauwe sil net wike,
It Krûs bliuwt ivich stean!

F. Schurer.

20. LIT BLIID US SANGEN RIZE.

Nei it Bouwsliet fan 'e „J. V. op G. G.”

Lit bliid ús sangen rize
En skalje, wiid yn't roun:
Fal yn op de âlde wize,
Op, maten fan ús boun!
Us bynt gjin bân fan de ierde,
Us rôp Gods eigen stim;
Gjin macht kin ea ús skiede,
Wy witte ús ien yn Him.

Us dieden en ús dreamen,
Us krêften, sterk en kein,
Jit mei de goudne streamen
Fan moarntiidsgloede oertein.
Wy wolle oan Him, ús Heare,
Dat rike libben jaen,
En as Syn feinten leare
Syn wil, Syn wukr to dwaen.

Mei affears byld ús noegje,
Bliuw ús har wird ta wet:
„Foar God allinne búigje
En foar de minskē net.“
Dan sil w' yn nije dage,
Yn de âlde krêft bislein,
Mei eare ús namme drage
Fan Fryske jongerein.

De fijjân wol ús winke
Ta Mammons altertsjinst:
Hoe swiid syn jeften blinke,
Hoe biedt er eare en winst!
Wês wach! dat mei net wêze!
On, Fryslâns hope en piid!
Wy litte ús net bilêze,
Wy rizze ús ta de striid.

O God, fan alle tiden,
Jins tsjinders stipe en treast,
Hwaens helpe ús affears biden,
Bisielje ek ús Jins Geast!
Lied ús sa 't Jo it haget,
Hâld fan de sûnde ús rein!
Dat ús de seine daget,
Oan't fierste team foarsein.

Lear sels ús wukjend bidden
En wês Jins Namme great
By ús yn elts formidden,
Yn mienskip, tsjerke en steat.
Dat w' altyd ûnbiskromme
Jo folgje nei Jins wil,
Oant ienris Kristus komme
En 't al fornije sil.

21. BEA OM LYTSENS.

Wize: Toen men Jezus' heilige handen.

Jow ús, God, dat we altyd witte:
Jo allinne binne great!
Jo haw 't jown, hwat wy bissette
Fan ússelme binn' wy neat.
Wol ús 't greatsk bisteane bilette,
Printsje ús Jezus' wurd yn 't sin:
Sillich, dy 't net heech fan herte,
Earm fan geast en folchsum binn'.

Lear ús, nea ússels to siikjen,
Hoedzje ús foar ús eigen hert,
Jow ús, Jezus byld to lykjen,
Him te folgjen, wolviret.
Lokkich, sillich! Al op ierde
Sjugg' wy dan Jou Keninkryk;
En as we út dit libben skiede
Binn' wy de inglen Gods allyk.

A. M. Wybenga.

22. NIJ LIBBEN.

Wize: Dér 't de dyk it lân omklammet.

As by 't hjerst de stoarmwyn bilet,
 't Simmer pronksel him bijowt,
 't Skom fan 't wite weagjend' wetter
 Wyld oer 't skiere miedlân stout,
 Is 't oft dan dy hjerstsang klaget:
 Minskebern, dû biste neat;
 Mar de boppetoan fan 't sjongen
 Is dochs jimmer: God is great!

As by 't winter djippe stiltme
 Leit oer 't stille neak'ne wâld,
 En de kâlde winteramme
 Mar en feart bisletten hâldt,
 'k Sjoch dêrym myn eigen byldnis,
 En it rûst oer 't deadske gea:
 Al hwat libbet, al hwat pronket
 Moat strak wykje foar de dea.

Mar nei elke deadske winter
 Komt wer soele sudewyn,
 En men sjocht wer 't nije libben
 Yn 'e bliere sinneskyn;
 En dat kommed' nije libben
 Sprekt my freonlik treastgiend ta:
 Nei de dealiep sîlst' ûntweitsje
 En it iivge libben ha.

O. S. Akkerman.

23. OP HOPE.

Wize: Christen mag de smart des levens.

Fake suchtsje wy by 't skrippen:
 Wy bidije suver neat.
 't Liket, smyt wy 't sied yn d' ierde,
 Dat it noait wer ta ús keart.

Mar wy moatte op hope ploeije
 En op hope sjidzje wy,
 Dat wy jitris swiere stûken
 En in folle skuorre krij."

As de skiere loften jeije,
 Wyld forheistre fan 'e wyn;
 As it nacht is, neare nacht is,
 Sûnder moanne of stjirreskyn,
 Moat wy jitte hope hâldé,
 Tsjusternisse wykt wer wei;
 't Ljocht sil rize oan d' easterkimen,
 't Sintsje jowt in bliere dei.

As yn 't libben 't lijen parset,
 It jin drôvich is en near,
 Trillet d' opstân faek yn 't kleijen:
 't Krûs jin oplein docht sa sear!
 Bliuw o Christen dôchs jit hoopjen;
 Polsket wêdom yn dyn hert,
 Hwat God jowt is jimmer 't goede,
 Ek al fetsje wy dat net.

Ienmul is de striid to'n ein brocht,
 Dan is alle lijen dien;
 Ienmul wisket God genedich
 Fan ús eagen eltse trien.
 As wy striid' mei 't each nei boppen
 En yn Christus krêft, is 't wis,
 Dat de kroane der oerwinning
 En de himel úzes is.

A. M. Wybenga.

24. KLOKJE KLINKT.

Klokje klinkt,
 Himel blinkt,
 Fûgel jowt syn blide klank;
 Berntsje kom,
 Froed en from,
 Sjong ús Jezus lof en tank.

Berntsje jong,
Bid en sjong:

Sunder bidden is 't net goed;
Ider bern,
Dat God ken,
Sjontg ek bliid mei 'n optein moed.

Lear, o lear
Ta de Hear
Bidden, sjongen elke dei:
't Bernetoan
Bringt aloan
Us Gods ljochte himel nei.

(Oersetting.)

A. M. Wybenga.

25. DE BESTE FREON.

Wize: Een trouwe vriend.

* In trouwe Freon ha w' yn 'e himel
Lyk as de wrâld gjin stipe ús jowt
Hwant ûnder al dit ierdsk gewrimel
Is nearne in help sa goed bitroud.
Hwa't dan de wrâld ek tsjinje mei
Myn herte folget Jezus nei.

De minsken binne allyk de weagen
Mar Jezus' trou stiet ivich fêst,
Oer al myn wegen gean' Syn eagen
Hy bringt my feilich yn Syn rêtst,
Né wrâld, 'k bigear dyn freonskip net,
Hwant Jezus wennet n myn hert.

En dy't de wrâld it trouste tsjinnet
Hy mient wol dat er 't measte krijt
Mar om't de sûnde yn 't hert him wennet
Fynt hy gjin help dy't him bifrijt.
Myn Jezus bliuw't myn sillich lot,
Né, ierde, 'k slach myn each op God!

(Oersetting.)

A. J. Montsma.

X

26. DER BOPPE SJONGT.

Dêr boppe sjongt in greate skaer
Fan berntsjes om Gods troan;
Hja, frij fan sûnde en deadsgefaer
Forearje 's Faders Soan.
Nou klinkt har liet: De Heare priis.
Dy 't al ús skulden droech,
En yn it himelsk Parredys
Sa'n hege wente ús joech.

Ho kamen se op dat hearlik sté?
Hja hearden Jezus' stim,
Hja leauden 't Wurd en founen fré,
Har herte hearde oan Him.
Nou klinkt har liet ensf.

Hja founen al op ierde rêtst
Mei 't each op Him to slaen,
Hja leaven Him en fregen fêst:
Ho moat, o Heare, ik dwaen?
Nou klinkt har liet ensf.

Hja wierne sündich en ûnrein.
Bidoarn fan sin en moed,
Mar Jezus hat har 't kweade ûnttein
En wosk har yn Syn bloed.
Nou klinkt har liet ensf.

Wy winskje ek nei dy Himeltroan
Mei lof en tank to gean;
Och leaven Heare, nim ús oan
Om dêr foar Jo to stean,
To sjongen 't liet: ús Heare priis,
Dy't al ús sûnden droech,
En yn it himelsk Parredys
Sa'n hege wente ús joech.

A. M. Wybenga.

27. OP PEASKE.

Wize: Daar juicht een toon.

Dêr riist in toan, dêr klinkt in stim,
Dy't galmet troch Jeruzalim;
It hearlikst moarnsljocht strielt ús oan
Ut grêf en dea forriist Gods Soan.

Gjin grêf hold Jezus yn 't gewelt,
Hy hat oerwoun, dy sterke Helt.
Foar Jezus' krêft wykt sündenacht,
Hwant Hy is God, de Heechste yn macht.

Us Hear hat yn 'e bresse stien:
Foar alles, alles is foldien;
Dy't leaut oan Him, de Himelhear,
Freest nou gjin dea noch helle mear.

By 't lege grêfsté fan Gods Soan
Fangt ús it nije libben oan,
It libben yn Syn hearlikheit,
Dêr 't God Syn iivge glâns oer leit.

(*Oersetting.*)

A. M. Wybenga.

28. BOPPE DE STJERREN.

Boppe de stjerren riist ienris de dage,
Dêr komt dyn hoopjen, dyn langjen ta rêt.
Hoe't hjir it hert yn ûnwennigens klage,
Dêr bloeit de blidens, ûntfalt dy de lêst.
Dêr bloeit de blidens, ûntfalt dy de lêst.

Boppe de stjerren dêr wicket de skimer,
Swine de riedlings yn 't klearjende ljocht.
Hwatstu dy dreamest' yn sillige mimer,
Dêr wirdt it wier, hwat de dreamer bitocht.
Dêr wirdt it wier, hwat de dreamer bitocht.

Boppe de stjerren wurde ivich foriene
Freonen, fan 't needlot forkrongen en skaet.
Dêr sil de skiedsmuorre sinke en fordwine,
Siele fynt siele op 't feestlike paed.
Siele fynt siele op 't feestlike paed.

Boppe de stjerren dêr wiuze de palmen
Koelte út 'e himel, dy't lijers genêst.
Ingels, hja liede mei hillige psalmen
Ofmêdde pylgers ta de ivige rêt.
Ofmêdde pylgers ta de ivige rêt.

(*Ut it Duitsk.*)

F. Schurer.

29. KINST' IT TAL FAN STJIRREN NEAME?

Wize: Weet gij hoeveel sterren.

Kinst' it tal fan stjirren neame,
Dy 't dêr strielje blank en bliid?
Witst' hofolle wolkens dreame
Boppe berchtme en sé en wiid?
Sjoch, hja driuwe op 's Heare amme
En Hy jowt har elk syn namme,
Stjûrt har gong sa heech en swiid.

Kinst' it tal fen michjes witte
Dy't dêr dousje yn sinnegloed?
Kinst' it fiskehear bimjitte
Fan 'e sulvren wetterfloed?
Sjoch, hja libje yn 's Heare amme,
En Hy jowt har elk syn namme,
Is foar al dy skepsels goed.

Witst' hofolle berntsjes priizje?
Mei har blanke hantsjes gear,
Biddend froed har tank biwiizje
Oan ús trouwe Himelhear?
Oan dy fûzen fûzentallen
Nint ús God Syn wolgefallen:
En foar my ek fielt Hy tear.

(*Oersetting.*)

A. M. Wybenga.

30. EK FOAR US.

Wize: Zouden éénmaal wij ook komen.

Soe ús 't lok ek ienmul riizje
 Speegljend yn 'e libbenstream,
 Dêr't de sillgen d' Iivge priizje
 By de Parredyshofsbeam?
 Ja wy hoopje dêr to priizen,
 Dêr't de blide Hallels riizje,
 Dêr't de sillgen lof biwiizje,
 Sjongend by de libbensstream.

Sillich, hearlyk sil 't dêr wêze,
 Dêr fan sûnde en soarch fûntslein,
 Fan de siiktme en smert genêzen,
 Lof to sjongen ryk en rein.
 Ja wy....

Lit ús op dy himel tiidzje:
 God, dy't ús Syn heil bitrouw,
 Wol mei 't útsicht ús forbliidzje
 Dat Hy ús in himel jowt.
 Ja wy....

(Oersetting.)

A. M. Wybenga.

31. GOED-FREED.

Wize: Mijn verlosser hangt aan 't kruis.

Myn Forlosser hinget oan 't krús!
 Moat de wrede spot forneare!
 Jezus, Heare!
 Is it mei Jins almacht dien?
 En Jins hill'ge glâns forgien?

Myn Forlosser hinget oan 't krús!
 Al Syn greatens moat forkwine
 En fordwine!
 Sjuch de strimen oer Syn rêch,
 Wounen, smerten, haet en pleach.

Myn Forlosser hinget oan 't krús!
 Ja foar my wol Hy dêr lije,
 En bifrije
 My fan flok en sündenacht,
 My forlosse út Satans macht.

Myn Forlosser hinget oan 't krús!
 Lear dan tankjen, o myn herte
 Foar dy smerte!
 Sjong dan siele, bring dyn ear
 Oan dyn Jezus, God en Hear.

A. J. Montsma.

32. FREEGJE O MYN HERT.

Wize: Vraag o mijn hart.

Freegje o myn hert, net nei 't lok fan in dei:
 't Wrâldske gejubel, har skettrjend jûchhei,
 Hwat hja oan vrijheit en blidens ús biedt
 Bringt yn gefaer en torint yn fortriet.

Jei nei gjin skynsel fan flechtsjende wrâld;
 Nim oan har goud en juwelen gjin hâld;
 Aenst' yn har fûke biset dy dyn kiel:
 Hwat kin hja leevrje ta ruil fan dyn siel?

Longrje o myn hert, nei gjin rykdom of rom;
 Baernt gjin forgif yn 'e kleurichste blom?
 Rykdom en macht, út Gods hân ús net jown,
 Lûke yn 'e nacht fan 'e tjustere groun.
 Jei nei gjin skynsel.... ensf.

Sillich myn hert, ast' dy dimmen en stil
 Foegest nei 't rijcht fan Gods ivige wil,
 Ast' by dyn stribjen, yn blidens en wé,
 Ripest foar 't libben op 't bettere sté.
 Jei nei gjin skynsel.... ensf.

A. M. Wybenga.

33. SKIPKE FAN US JEZUS' HOEDE.

Skipke fan ús Jezus' hoede
 Heech de heilsbanier fan 't krús,
 Bringt as d' arke fan biháldnis
 Al Gods earme doarmers thús.
 En brûst de sé mei weage-brân,
 En bilet wylde wyn,
 't Giet op de blide haven yn
 En 't riizjend-ljochte strân.

Sintsje, strui foar ús dyn glimkes,
 Siichjes, driuw dat boatsje oer 't wiet,
 Weachjes, lied ús bea en psalmsang
 Mei jimm' núndrjend hopeliet.
 En brûst de sé.... ensf.

Earmelytsen, sjoch de krúsflach
 Wapprijend heech oer d' oaséaen,
 Rêst by Jezus, dy't him folgje
 Sil gjin stoarm of floed forslaen.
 Sa riist ús psalm nei 't himelsk lân
 Op amme fan 'e wyn:
 't Giet op 'e blide haven yn
 En 't noegjend-ljochte strân.

(Oersetting.)

A. M. Wybenga.

34. OP NEI SION.

Wize: *Ik worstel op naar Sions top.*

Ik reizgje dreech nei Sion heech;
 Sa woe myn Kening 't wiizje;
 Howol 't myn paed láns toarnen laet,
 'k Sil dochs omheech Him priizje.
 It lûkt, hwat mear ik neijer kom,
 Al sterker yn myn siele:
 Ho stiet dat himelsk hillichdom
 Yn 't ljocht fan gouden strielen.
 Us hert lûkt nei Sion, Nei Sion lûkt ús hert.

O Hear, ik ken my swak, in bern;
 'k Sil nea allinn' it noedzje;
 Mar Jezus' hân hâldt my yn stân,
 Syn macht sil my bihoedzje.
 Mei Him gean ik de reis mei moed,
 Kin ik troch 't woeste it weagje,
 Syn Wurd sprekt my fan 't ivich goed;
 Dat sil gjin wrâld me ûntreagje.
 Us hert lûkt nei Sion, Nei Sion lûkt ús hert.

Kom, hân oan hân nei 't fredelân,
 Kom freonen, nea forflauwe;
 Mei ried en died, mei wurd en liet
 Sizz' wy elkoarren trouwe;
 Lit ús mei moed dat rjuchte spoar
 Biwanlje mei ús allen;
 It ingleliet, it hillgen-koar
 Riist al fan Sions wallen:
 Us hert lûkt nei Sion, Nei Sion lûkt ús hert.

(Oersetting.)

A. M. Wybenga.

35. AS KRISTUS DE HEAR.

Wize: *In Bethlehem's stal.*

As Kristus de Hear
 Us wennet yn 't hert,
 As Hy nei de bea
 Fan 't minskebernen heart,
 Al wykt dan it libben, al driget de dead —
 Wy sille net sinke, ús Helper is great.

As wille yn in sé
 Fan wédom fordrinkt,
 Oan 't skimerjend each
 Al 't ierdse ûntsinkt —
 O, gean dan nei Jezus, de Freon yn dyn smert,
 En skriem al dyn triennen mar út oan Syn hert.

Klei nea oan de wrâld,
Hja sil net forsteaan.
Bring Jezus dyn leed,
Syn treast wurdت dy bean.
By Him is de Wiisheit, it trouwe Geduld,
Is einleaze Leafde, forjowing fen skuld.

(Oersetting.)

Fedde Schurer.

36. LEAFDE UTERING.

Nei Sankey.

Myn Jezus, 'k haw Jo leaf,
Jo binn' myn Hear en Lieder,
Jo nimm' my by de hân;
Nou wit ik fan gjin noed;
Sa gean ik moedich fierder
Op 't paed nei 't Heitelân.

Myn Jezus, 'k haw Jo leaf,
Jo hearre aloan myn beden
Dy 'k delliz foar Jou troan.
Hert, hwerom klagest' dan?
Yn need en slimme tiden
Kin 'k op Syn helpen oan.

Myn Jezus, 'k haw Jo leaf:
Ut frije gunst allinne
Bin 'k 't ivich libben ryk;
Jou stjerren koe de dea
De Kweade en 't kwea oerwinne,
By Jo is ús ûntwyk.

Hear Jezus, 'k haw Jo leaf,
Formeardrje my dy flamme,
Trochsúvrje myn gemoed;
Hâld me as ik strofflje mocht
Dochs mei Jins gunst m' omklamme,
Forsoen it mei Jou bloed.

Nei A. de Vlieger.

A. M. Wybenga.

37. 'K LEAU YN JEZUS.

Wize: 'k Heb geloofd....

'k Leau yn Jezus, dêrom sjong ik,
Dêrom sjongt myn herte en moed
Fan ûntfermjen en forlossing
Yn Syn heilich, djûrleaf bloed.
Dêrom sjong ik Jo, Dy't stjerrend
Al myn sünden droech oan 't hout,
Laem Gods, dat de sünden weinimt,
Laem dat lok en frede ús jowt.

'k Leau yn Jezus, dêrom heger,
Heger as Kalvary's krús
Skôgje ik boppe loft en wolkens
Bliid nei 't ivich, sillich thûs;
Dêr wit ik myn Hegepreester,
Dy't Syn bruorren nea forjitet,
Dy't as Hear fan Syn gemeente
Foar har by de Fader bidt.

'k Leau yn Jo, Dy't op dizze ierde
Tôgen mei de toarnekroan,
Mar Dy't nou mei eare kroane
Sit op d' iivge himeltraan;
Jo, foar Hwaens trochflime fuotten,
Is Jins oardielsdei op til,
Elk, hjirboppe, op ierde en d'r under
Djiп syn knibbel bûgje sil.

Ja, ik leau, en dêrom sjong ik,
Dêrom sjong ik ta Jins ear,
Jo myn Heilân, Sillichmeitser,
Aller hearen Haed en Hear!
Soan fan God en Soan des minske,
Spoedzje, hearlik ta Jins rom;
Kom op 's himels wolkens harren,
'k Wachtsje: o Heare Jezus, kom!

(Oersetting.)

A. M. Wybenga.

38. DU WES WOLKOM BERNTSJE.

Wize: *Nu sijt wellecome.*

Dû wês wolkom berntsje, Jesu, Treast en Tier;
Dû komst fan also hege, fan also fier;
Nou wês wolkom berntsje fan de hege himel blier;
Dû kaemst op dizze ierde fan tûzen sünden skier.

Lof oan de Hear.

Harders yn 'e fjilden hearden in mij liet,
Ut Inglemûlen kaem it sa wunder swiet:
Gean nei jinse strijtte, jim sill' him fine dêr,
Bethlem seach syn komste, 't ljocht fan de hege stjer.

Lof oan de Hear.

Wize keengen kamen út fier Easterlân;
Hja sochten Him ús Heilân mei offerân;
Brochten mei hertswille har wijreek, myrrh' en goud,
Earen dêrmei 't berntsje, dat alle frede ús jowt.

Lof oan de Hear.

Halleluja Heare, yn de nije tiid,
Wy sjong' it bern ús lieten, sa hertebliid;
Jezus kaem op ierden yn krysttiids hillge nacht;
Heech moat wy Him priizje: Hy joech op sünders acht.

Lof oan de Hear.

A. M. Wybenga.

39. JOUNBEA.

Wize: *Wie könnt ich ruhig schlafen.*

Hoe soe ik rêtich sliepe
Yn dûnkre nacht,
As, Jezus, Jo net hâlden
Oer mij de wacht.
Myn kweadwaen hat o Heare,
Myn hert forslein,
O, waskje it fan syn klâdden,
En meitsje it rein.

O sjoch net op myn sünden,
Forjow myn skuld;
Jo binne dochs fol leafde
En fol geduld.
Kom Heilân, yn myn herte
En meitsje it frij;
Jow leafde, lok en frede
En wille mij.

En help mij, dat 'k forjaen mei
Lyk Jo forjow',
Dat ik myn bruorren leavje
Sa fêst, sa trou;
Dan slomje ik sûnder frezen
Of soargen yn,
As 't stil is yn myn herte
En 'k frede fyn.

Ut it Dûtsk.

A. J. Montsma.

40. SJOCH DE MINSKE.

Is dat, is dat myn Koaning,
De winsk fan Israël?
Is dat, is dat Syn kroaning,
In kroaning fan de hel?
Moat Hij dat spotkleed drage,
Dy stêf, dy toarnekroan?
Waerd Hij ta klacht en klage
Hij, God, Jo eigen soan?

O, ik brocht Him dy bannen
Dy sé fan smerten oan;
'k Joech Him dy stêf yn hadden,
'k Stiek mei dy toarnekroan.
Ik sloech Him al dy wounen,
Foar mij moat Hij dêr stean;
Ik liet Him mei myn sünden
Troch al dy djipten gean.

O Jezus, Isrels winske,
O Man fan smaed en smert,
O snij dat: sjuch de minske!
Djip yn myn skuldich hert.
Lit mij dochs nea forjtte
Dy kroan, dat kleed, dat krús,
Dat lijen boppe mjifte:
Jo droegen 't al foar ús.

A. M. Wybenga.

41. DE TROUWE BERNEFREON.

Der giet troch alle lannen
In freon foar ider bern;
Us each kin Him net skôgje
Mar Hij kin alles sjen
De hege himel is Syn thûs
En God de Heare stjurt Him ús.

Hij komt yn alle huzen
En draeckt foar ider noed
Hij is foar dy't Him leavje
Uneindich gol en goed
Dêr bliuwt Er jerne dei en nacht
En hâldt oer 't bern sa trou de wacht.

En giet dat bern to sliepen,
Dy freon heart nei syn bea
Biwarret him yn 't dûnker
Foar alle leed en kwea,
Hij wykt net fan syn side wei
En hoedet him bij nacht en dei.

Wol, Heare, mij ek liede
En bliuw mij altyd nei,
Dat ik ien fan Jou berntsjes
En skiepkes wêze mei.
Lear mij to folgjen trou en stil
En mij to foegjen nei Jou wil.

(Oersetting.)

A. J. Montsma.

42. FAN SEIS FROSKEN.

(Humoreske.)

De wize komt út Wergea.
Alle ferskes as dizze twa.

Der wierne ris seis frosken.
Dy swommen yn 'e sleat
It wierne lytse bistkes,
Yet jong en ûnbileard

In grouwe snoek dy seach se.
En snapte 'r ien by wei,
De oaren swommen fierder,
Dat wier in minne dei.

Der wierne nou fiif frosken,
Dy groeiden dat 't hwat die,
Ik leau, dat nea in kikkert
In better libben hie.

In reager wier oan 't fiskjen
Dy seach se op in kear,
Hy krike ien to pakken,
Mar fjouwer wiern' der mear.

Dy fjouwer kikkerts sieten
Op 't lân ris op in dei,
In swiere kou dy roun dêr
En trape d'r ien by wei.

Hy trape him yn moster,
It bist wier sa mar dea,
De trije, dy 't üntkamen,
Gyng 't kåld do oer 'e lea.

En dizze trije kikkerts,
Dy groeiden wer as slaet,

Hja wierne gau folwoeksen,
Dat wier it risseltaet.

In jonge seach se sitten,
Ho 't kikkertsfolk ek sprong,
De ein wier, dat de rakkert
Ien fan 'e trije fong.

Der wierne nou twa frosken,
Al fan 'e ploech fan seis.
Dy gyngen ris to gearre
Yn 't hailân op 'e reis.

En it foldie hjar tige,
Yn 't sintsje, op it hea.
Do kaem de swylmasine
En knypte dêr ien dea.

De lêste fan 'e frosken
Hie nou safolle leard,
Dat 't wier fierwei de knapste
Ut hiel de greate sleat.

De oaren makken him do
Ta direkteur fan 't koar,
Hy wier sa snoad en skrander
't Wier krekt de man der foar.

Soms hearre jim him sjongen,
Dy kikkert mei syn ploech,
Ik haw se ris biloerke,
Eft er de maet ek sloech!

W. J. Nijenhûs.

43. ROTS DER IEUWEN.

Rots der ieuwen, Man fan smert,
Taflecht foar myn skuldich hert,
Mocht Jins hillich offerbloed
Sterktme jaen aan 't brutsen moed
Mocht Jins foar-de-skuld-foldwaen
My de krêft ta 't libben jaen.

Yn myselme is skuld en kwea,
Waekse woartels fan de dea;
Yn myn snokkrjend binnenst is
Skrik fan kjeld en tsjusternis;
Hwêr o Rots, soe'k hinnegean
Lieten Jo m' allinne stean?

Heare, dy't om neaknen tocht,
Blinen wekket mei Jins ljocht,
Dy't de slaef yn frijheit set,
Fier-forlerne soannen ret —
Lit Jins pine en krûs en leed
My ek helpe út nacht en need.

Rots der ieuwen, oan Jins foet,
Dêr't feilich is en goed,
Sjuch ik 't ivich dagereia;
't Grêf mei dûnker wêze en dea,
Dea noch grêf forskrikke my,
Hwant myn Jezus stiet my by.

A. M. Wybenga.

44. JOUNTYDSDAUWE.

Wize: *Ginds bij den ouden molen.*

It gouden sintsje yn 't Westen
Stiet amper op 'e groun;
Ho stil is 't om my hinne, } 2 x
Ho fredich fier yn 't roun. }

De wite wazems walmje
Oer 't lústerjende lân;
As waerd d'r in sêfte tekken } 2 x
Spraet mei in rynske hân. }

It silvren moantsje riizget
Yn wûnderstille fré,
En 't freonlik stirreflonkrjen } 2 x
Driuwt oer de dauwesé. }

En ierde en himel sjogge
Elkoarren glimkjend oan;
Blank is de dauwewitens,) 2 x
Fynblau Gods himeltroan.)

Ho blinke dauweweagen
As silverblanke snie!
Och, dat myn r̄estleas herte) 2 x
Sa tear, sa rein ek wie!)

A. M. Wybenga.

45. SIMMERMOARN.

Hwat bistū leaflik, Rizende simmermoarn!
't Opgeande sintsje, Laket my oan.
 't Hoantsje kraeit: kûkelû
 't Douke ropt: roekoekoe!
Ik wol ek sjonge Fleurich fan toan.

Alles hwat libbet Docht dēr nou sines by:
Fôltjes en kealtsjes, Hynders en kij;
 Guoskes dy't snetterje,
 Skiepkes dy't bletterje,
Lamkes dy't springe, Nuvere blij.

't Ljurkje yn 'e wolken, 't Eintsje yn it lizich wiet,
't Moskje en 't swealtsje, Elts sjongt syn liet.
 Eabarren klapperje,
 Ljipkes wjukwapperje;
Skries op 'e hikke Ropt: grito-gryt!

'k Woe foar gjin goune, Dat 'k jit to sliopen laei:
't Is my sa noflik Ier op 'e dei.
 Prottters, dy't tsjotterje,
 Eksters, dy't skatterje,
Alles is fleurich: Ik bin it mei.

W. Dykstra.

46. DE GUOZZEN.

Hwat hawwe wy guozzen foar klaeijing oan?
Gi-ga-gak!
Wy moatt' bleatsfoets ús paedtsje gean,
Mar drage oars moaije dounzen klean,
 Gi-ga-gak,
 Wy freegje gjin better pak.

Hwat brûke wy guozzen wol foar in kost?
Gi-ga-gak!
By 't simmer ite w' op it lân,
By 't winter út 'e boer syn hân,
 Gi-ga-gak,
 En ek út syn hjourwerbak!

Hwat drinken wy guozzen wol foar in wyn?
Gi-ga-gak!
Wy drinken d' alderbêste wyn,
Dy't wy mar by de kikkerts fyn',
 Gi-ga-gak,
 Gâns better as gleon konjak!

Hwat prate wy guozzen wol foar in tael?
Gi-ga-gak!
Wy sprekke it Gryksk en it Latyn
As wien' wy dēr perfesters yn,
 Gi-ga-gak,
 Mei fleur en mei 't heechst gemak.

Sa sjonge wy guozzen mar flink ús liet:
Gi-ga-gak!
Wy libje rom en flink en vrij,
In sieraed foar de boerkerij;
 Gi-ga-gak,
 En binne dēr wol to plak!

(Oersetting.)

A. M. Wybenga.

47. IT FINKJE.

Wize: *Wie in de Mei geboren is.*

In fink dy't op in tükje siet, sa bliid;
 Song dêr fan nocht syn fleurich liet, sa bliid;
 Hy song fan wille en sinneskyn
 Op wyskes fan de sudewyn,
 sa bliid, ensf.

In poeske hearde nei dy sang, al lang;
 Syn maechje jûke him al lang, al lang;
 Hy glimke al bliid en tocht dêrby:
 Sa'n finkje is krekt in hap foar my,
 al lang, ensf.

Hy loerde sa, hy loerde sa, ja sa!
 Hiel súntsjes kaem hy dêr op ta, ja sa,
 Op 't lêst do weage hy de sprong
 Nei 't finkje dat sa hearlik song,
 ja sa, ensf.

Mar 't finkje seach noch krekt ús gút, dy gút,
 En 't finkje naeide hastich út, dy gút,
 Do seach ús aerdich poeske-loas
 Sa sunich op syn poesenoas,
 dy gút, ensf.

Do 't finkje heech en feilich siet: slyp út!
 Do song er wer in helder liet: „slyp út!
 „Nou kinst' dêr moai biteutre stean:
 „Sa moast it alle poeskes gean!”
 „slyp út”, ensf.

A. M. Wybenga.

48. SKIPPERSLIET.

Wize: *Ziet in blinde razernij.*

Sjuch, hoe't mei it stoarmgedrûs
 Heech de floeden kliuwe;

Sjuch hoe't boppe weachgebrûs
 Swiere wolken driuwe.
 Ien dochs yn de dûnkre nacht,
 Ien hâldt trou oer mij de wacht.
 Hear, nim it roer,
 En bring mij feilich oer!

Nearne stjerre- of moanneskyn,
 Tsjuster is 't as ierde;
 Far ik dûnkre djipten yn,
 Hwa sil mij dan liede?
 Hwa, o Hear? Allinne Jo
 Meitsje dat ik feilich bliuw.
 Hear, nim it roer,
 En bring mij rëstich oer!

Eangje ik yn myn lêste striid,
 Driicht myn boat to sinken,
 Help mij dan oer 't wetterwiid
 Hoedzje tsjin 't fordrinken,
 Lied mij oan Jou sterke hân
 Troch de brânnings nei it strân.
 Hear, nim it roer,
 En bring mij feilich oer!

(Oersetting.)

A. J. Montsma.

49. OP 'T IIS.

't Wie sierlik waer en winter,
 En elk dy ride koe, dy ried,
 Men wit, ho dat yn 't Fryske lân,
 Winterdei altiten giet.
 As al hwat jong is
 Earst oan 'e gong is
 Den binne ek d' âlden
 Net mear to hâlden.
 Hja koenen 't foarhinne,
 Fan mannichien winne
 En wolle ek in streekje dwaen.

Der ried in faem allinne,
Hja hie nei siêd om boadskip west.
En sette nou op hûs wer ta,
Skeuvele tige har bêst.
Heit hie bifellen:
Pas op dien tellen,
Foar tsjuster binnen,
Dat heart to kennen;
Mar om 't de skaden
Sa lang al wer waerden,
Fitere nou de haest har oan.

It wie in lust foar d' eagen
Ho aerlich 't bern de baen lâns striek.
Mar dêr op iens wie 't ho! mar, ho!
Minsken, it haklear dat briek,
Och, hwêr nou hinne?
Hielendal rinne,
Koe neat fan komme;
Soe heit ek bromme!
Hja koe it net helpe.
Fan drôfnis oerstjelpe
Stie har it skriemen tige nei.
Mar as de need op 't heechst is,
Dan is de rêdding tichte by.
Dêr kraste in reed, in stimme klonk:
„Fetsje, hoe ha 'k it mei dy?”
„Bistou it, Jelle?
'k Sil 't dy fortelle.”
En dêrop seagen
Se elkoar yn d' eagen.
Doe 't hy forstien hie,
Hoe 't har forgien wie,
Holp hy de faem gau út 'e brân.

Se ried net mear allinne,
Har helper lei graech op foar Fet,
It fleach der oer en 't fanke kaem
Gjin amerij mear to let.
Letter hat Jelle
Syn lean wol helle,

Om Fetsje frijt er
En skilik krijt er,
'k Jow 't op in bryfke,
De faem ta syn wyfke.
Da's alle gearr' fan it haklear kaem.

50. DE WALDSANG.

Moai, sùnder wjergea binne de Wâlden:
Smûk skaedzjend beamtegrien oeral yn 't roun,
Blier laitsjend boulân, tierige greiden,
Sjongende fûgels, sânnich de groun.
Moai, sùnder wjergea binne de Wâlden:
Smûk skaedzjend beamtegrien oeral yn 't roun,
Oeral yn 't roun, yn 't roun, oeral yn 't roun.

Maeimoanne pronkseal' binne de Wâlden:
't Höf klaeid yn bloeiselwyt, geal sjongt en slacht;
Kijkes yn 't finlân rinne to weidzjen,
't Noat weag't it fjild oer, swiid is de pracht.
Maeimoanne pronkseal'.... ensf.

Nocht, oars sa nearne, jowe de Wâlden,
Oerfloedich libbensswiet, sounheit en tier,
Foarjiers en simmers, hjerstiids en winters,
Fjildwille en hûsfreugd troch 't hiele jier.
Nocht, oars sa nearne.... ensf.

Fryske biwenners hawwe de Wâlden:
Hja libje froed en from, sljocht binn' hj' en rjocht,
Eang fan útwrydskens, gol en ienfâldich,
Altyd deselde, hwer't men se sjocht.
Fryske biwenners.... ensf.

H. Sytstra.

51. IT HEITELAN.

Dêr't de dyk it lân omklammet
Lyk in memme earm har bern,
Dêr't de wylde sé jamk flammet
Op in hap út Friso's hern',

Dêr't de Stiennenman syn eagen
Stoarje lit oer fjild en strân,
Dêr't men eanget fan gjin weagen } 2 x
Dêr is 't leave Heitelân!

Dêr't 't Reaklif sa swietkes lonket
Yn 'e jountiids-sinneskyn,
Dêr't it bokweitblomke pronket
Tusken heide en beamguod yn,
Dêr't de Aldehou syn brommen
Uren fier soms dreunt yn 't roun,
Dêr't it tilt fan fé en blommen, } 2 x
Dêr is 't oeral Fryske groun!

Dêr't har froed de gea-en spriede
Tusken Lauwers, Lind' en Flie,
Rêstich drôgjend, oft 't op ierde
Rounom nocht en frede wie;
Dêr't de groun de soargen leannet
Fan der minsken warbre hân,
Dêr't men vrij, en feilich wennet, } 2 x
Dêr is 't ynleaf Heitelân!

J. L. van der Burg.

52. FRYSKE SANG.

O rôlje oer bou en greiden
En wâlden fier yn 't roun,
Forspraet dyn bliere klanken
Oer hiel de Fryske groun.
Trilje eltse Fries yn d'earen
O golle Fryske sang;
Wy sill' dyn wizen sjonge } 2 x
Us hiele libben lang!

Hwat tiidtosk ek fordylge
Of hompte yn iivge rêtst,
Hwat wikslet of foroaret,
Wy hâlde ús sprake fêst.
Wy sille as d'âlden sjonge
De golle Fryske sang;

Syn wizen sille klinke } 2 x
Us hiele libben lang! }

Salang de beammen bloeije,
Salang it wyntsje waeit,
Salang de gêrskes tierie,
Salang de hoanne kraeit,
Salang silstû ek klinke
O golle Fryske sang;
Silst' rôlje oer bou en greiden! } 2 x
Sa lang! sa lang! sa lang!

Fr. Lieteboek.

T. B. Dykstra.

53. FLAGGELIET.

Sjoch, sjoch dy skeane banen,
Dat weagjend wyt en blau,
Dy reade pompeblêdden,
Dat âlde byld fan trou!
Sjoch, sjoch se blinken, sinken,
Allinken foar in skoft.
Sjoch, sjoch se wiuwen, kliuwen,
En driuwen yn 'e loft!
Dat, dat is ús Fryske flagge;
Dat, dat is ús Fryske flagge!
Dan omheech, dan omleech,
Op en del mei wyn en weagen.
Dan omheech, dan omleech,
Wiuwend, kliuwend, steech en dreech.

Net oer it bloedrich slachfjild,
Net, dêr't men fjocht op sé,
Net fan in kenings lusthof,
Net oan in fiere ré —
Mar oer ús fredich Fryslân
En oer ús marreblau
En fan ús Fryske wenten
Waeit d' âlde Fryske trou.
Dêr, dêr waeit ús.... ensf.

Krekt sa't dy banen weagje
En blinke yn sinnenkyn,
Sa weagje ús wide wetters
En blinkt de sinn' er yn;
Krekt sa't dy blêdden teare
En dûk', aloan en wei,
Sa tear' ús pompeblêdden
En dûke en jowe mei.
Sa, sa waeit ús.... ensf.

Bliuw, banen, wite en blauwe,
Bliuw, blêdden, rea en roun,
Bliuw 't byld fan Fryske trouwe,
Byn Friezen oan har groun!
Weagje oer ús griene greiden,
Weagje oer ús wetterwiid;
Bliuw 't byld fan Fryske dregens,
En Friezne stille striid.
Waei, waei út nou.... ensf.

Jan fen 'e Gaestmar,

54. US PAKE KLOK.

Us Pake syn klok wie in treftige klok,
Mei 'n ûrwirk sa flink en sa dreech;
En hja roun sa sekuer, hwant al njoggentich jier
Heard' elk har tik-tak dêr omheech.
En hja wiene lyk âld:
Pas kaem Pake op 'e wrâld
Of de klok kaem de doar yn mei-ien.
Mar op 't lêst bleau hja stean
Om nea wer to gean
En mei Pake, ek mei Pake wie 't dien.

Koar:

Wol njoggentich jier, Fluch en blier, tik-tak;
Op Pake syn wei Roun hja mei, tik-tak;
Mar op 't lêst bleau hja stean, Om nea wer to gean,
En mei Pake, en mei Pake wie 't dien.

As bern hie ús Pake sa faek oan de klok
Forteld hwat him lei op it hert.
En har slingerslach folgjend, al hinn' en al wer,
Forhelle al syn wille en syn smert.
En doe't Pake as jongman,
Mei syn breid by de hân,
Foar har stie, rôp de klok him „goendei!”
Mar op 't lêst bleau hja stean,
Om nea wer to gean,
En ek Pake yn dy ûre wie wei.

Koar:

Wol njoggentich jier....

Gjin ien wie sa krigel, as Pake syn klok,
Hja wist fan gjin stilstein, gjin rêt;
En as hja wyks ienkear mar ophelle waerd,
Dan roun hja saun dagen wer bêst;
Nea net lidlich en slûch,
Net oerdwealsk of ûnfoech,
Wie it jimmer in klok sûnder kwea.
Mar op 't lêst bleau hja stean,
Om nea wer to gean,
En ús Pake, ús Pake wie dea.

Koar:

Wol njoggentich jier....

It wie op in nacht, op in deastille nacht,
Doe waerden wy bjuster forheard;
Hwant de wekker, yn jierren en jierren net brûkt,
Roun ôf mei in heislike feart.
En hja tiktakke aloan,
Mar it lûd wie bidoarn,
En it roun ús sa kâld oer de lea:
Hwant de klok bleau do stean,
Om nea wer to gean,
En ek Pake, ús Pake wie dea.

Koar:

Wol njoggentich jier....

Nij Fr. L.

H. de Jong.

55. GREATE PIER.

Wize: Piet Hein.

Ha jo wol ris heard fan dy Greate Pier?
To Kimswert dêr hat er wenne;
Mar as er gjin krychsman fan boer wurden wie
Wy soene syn namme net kenne.

Dy Pier, dat wie

In kearel great en swier;

Hwat rûch fan hier en burd,

Hy loek foar Fryslân en frijdom it swurd.

Hongerige poepen dy swalken troch 't lân
To baernen, to rôven en stellen,
Dy stieken ek Pier syn huzing yn 'e brân,
Hwerby se him alles ûnthellen.

Doe wie ús Pier

Hast kûgels siker wier.

Hwa helpt in hantsje mei

Dat ik dy poepen ta Fryslân út jei?

Doe wienen dêr to Kimswert en Arum wol mear
Mishânle, grimmigte boeren;
Dy seinen: Wy stappe mei-en-oar gear
En Pier hie dy heap to bistjûren.

Hwant Pier, dy wie

Ysbearlik great en swier,

In kearel fan syn wurd,

Elk hie ûntsach foar syn stimm' en syn swurd.

Doe gyng it der op los op 'e Sudersé,
Dêr kaepten se, hwat se mar founen
En de Hollânners, dy't se dêr kriegen, o wé!
Forsûpten s' as kitten en hounen;

Hwant Pier, dy wie

Hwat bot en rou, dat 's wier!

Hy makke rûme baen,

It wie om frijdom foar Fryslân to dwaen.

De Hartoch fan Gelder dy sei: „Ik haw plan:
De Friezen, dy wol ik bifrije”.

Doe sei Greate Pier: „Wol, dan binn' jo myn man,
Dêr mei ik jo leaver om lije”.

Doe wie ús Pier

Oan 't fjochtsjen let en ier;

Hy holp de Hartoch mei

En jage Poepen en Hollânners wei.

Mar de Gelderskman wie in fâlske skarlún,
Dy hie 't sels op Fryslân bigrepen;
Hy laette de Kimswerter boer om 'e tún,
Mar dy kaem al efter syn knepen.

Doe wie ús Pier

Net mâlle mak, dat 's wier.

„Dy kearel brekt syn wurd,

Ik lit him strike, dêr hinget myn swurd”.

Hy wie fan dat fjochtsjen en rôven gjin freon;
Hy die 't om de frijdom to tsjinjen;
Hy wie by de ploech en syn fé leaver bleaun;
Nou gyng er nei Snits ta to wenjen.

't Is wier, det Pier

Hwat ûnbihouwen wie,

Mar earlik by syn wurd.

Hy loek foar Fryslân en frijdom it swurd.

W. Dykstra.

56. WY, WY LITTE US TAEL NET FARRE!

Wy, wy litte ús tael net farre,

Lit se mannich herte ek kâld:

Fryske klanken, Fryske sprake } 2 x
Hawwe yn 't Fryske hert har hâld. }

Langer al as tweintich ieuwen

Hat it Fryske folk bistien,

Hat it fan syn leed en wille } 2 x
Yn dy klanken ú'tring dien. }

Hoe't de sé it lân toagnaude,
Oermacht, mei forried yn boun,
't Heitelân yn 't leech soms fierde, } 2 x
De âlde spraek klinkt jit yn 't roun. }

Wy, wy sille ús tael biwarje,
Tsjûge en byld fan Fryske sin,
Ofsprint fan de geast der affears, } 2 x
Fan har eab'le frijdomsmin. }

Né, wy litte ús tael net farre,
Jimmer hâlde wy se yn ear':
Sûnder Frysk nin Fryske seden, } 2 x
Sûnder 't Frysk nin Friezen mear! }

G. Colmjon.

57. WAR DY!

Fryslân ropt! De findels foar!
Net mear drige. Yn 'e rige!
Fol de kloft fan striders oan;
Is ús folk syn kriich úntstoarn?
War dy! Fries fan 't âlde skaei:
't Alde heitelân is faei,
't Wurdt fan folk en frjemd forskopt.
Foar de findels! Fryslân ropt!

Feinten, hâld de fûsten ré!
Hûs en hurden Binn' forwurden,
Frjemden wâldzje ús ikkers oer,
Basterds lizze it hôf yn fjûr;
War dy! foar it erflik gea,
Hoedzje it lân foar skande-dea.
War dy! Sprek dyn tongrjend: Né!
Feinten, hâld de fûsten ré!

Keardels, hâld de koppen koel!
Net forskrikke, Net forblikke;
Hat ús God dit lân net jown,
Stean wy net op eigen groun?

War dy! foar dyn stoere spraek;
Reitsje net to rêd oerstaek!
Klear yn 't each it greate doel,
Keardels, hâld de koppen koel!

Maten, hâld de herten gleon!
Leafde driuwts ús, Leafde bliuwt ús
Krêft en stipe yn 't swier bistean;
Fryslân sil net ûndergean!
War dy! foar dyn folk en tael,
Hâld it heech, dyn ideael,
En de driging wurdt fordreaun,
Maten, hâld de herten gleon!

Bruorren, bûch de knibbels del!
Krêft fan Boppen Yn to roppen
Ha wy nedich, eltse dei;
Sûnder God is Fryslân wei!
War dy! Striid yn 's Heare noed,
Dy't de folken ropt en stjûrt
Nei Syn ivich wiis bistel.
Bruorren, bûch de knibbels del!

Fryslân ropt! De findels foar!
De âlde naesje Hâldt wer faesje.
Doar de kleare wei wer gean
Nei syn rjucht, syn selsbistean!
War dy! Op de vrijdom ta;
Eala fria Fresena!
Kom, hwa kin en wol en doar —
Fryslân ropt! De findels foar!

Fedde Schurer.

58. FRYSK FLAGGELIET.

Wize: Voor Nederland of Turnerlied.

Hwat Fries hat gjin wille, gjin ynerlik nocht,
Sa faek er ús âldfryske flagge wer sjocht?
Bistean de âlde kriten net mear alle saun,
Dat findel is 't byld fan ús leech lizzend lân.

Lyts is dat lân, mar syn namme klinkt fier,)
De âldfryske namme fan twatûzen jier.) 2 x
O flagge! forspried nou in eechfryske sin,)
Oer doarpen en stêdden en oeral hwer 't kin.)

Dy sidene lapen, dy't drieuwé op it wiid,
Dy dreauwén dêr al yn dy oer-âlde tiid,
Doe't Ald-Fryslân great wie troch iendracht en moed,
En krekt allyk drieuwé dy blêdden dêr hjoed.
Iendracht en moed is ek nou ús bihâld,)
Friezen! o, pronkje dêr mei foar de wrâld.) 2 x
En flagge! forspried mar in echtfryske sin,)
Oer doarpen en stêdden en oeral hwer 't kin.)

Forslingert in Fries soms om utens fier wei,
Hoe moai, as er oeral ús findel sjen mei,
Dy banen mei blêdden, dy't wapperje aloan:
„O Friezen! bliuw Friezen, oprjocht, ûnbidoarn”.
Friezen, om utens en op âlders-groun,)
Slút mei mekoarren in fêst bruorrebon!) 2 x
En stel mar yn 't âldfryske findel in ear',)
Dan hâldt wis dat âldfryske findel ús gear.)

S. e. R. 1902, s. 329.

W. Dykstra.

59. DE GROUSTER WEAGEN.

Rôlje, rôlje, wetterweagen,
Rôlje en brûzje om 't âlde Grou!
Myriaden foar ús eagen
Fleagen, stauwen om ús Grou,
Rôlje, rôlje ús foarby!
Hurde Friezen bliuwe wy! (2 x)

Polskje, polskje, Fryske weagen,
Rôlje, wâlje om 't âlde Grou!
Brûzje en wiggelje âlde weagen,
Kroanje de âlde roune trou!
Rôlje, wâlje, âlde Grou
Byld fan echte Fryske trou. (2 x)

Heit en mem binn' hjir bidutsen,
Berntjes, twiichjes fan myn hert;
Suchten binne hjir forbrutsen
Dy't myn God allinne heart.
Hiel myn libben fleach foarby,
Alde, trouwe Grou by dy. (2 x)

Rôlje, rôlje, wetterweagen,
Rôlje en brûzje om 't âlde Grou!
Myriaden foar ús eagen
Fleagen, stauwen om ús Grou,
Rôlje, rôlje ús foarby!
Hurde Friezen bliuwe wy! (2 x)

Dr. E. Halbertsma.

60. LIETSJE FAN 'E BOER.

Eigen wize.

As 'k moarns myn eagen iepen doch
En oer Gods wide fjilden sjoch,
Dan streamt mei nocht fan iere wyn
Fan dagerea en moarntiidskyn
Mei fûgelfloot, sa heech en fyn
It gouden ljocht myn keamer yn.
En 'k sjong mei fleurich moed:
Hwat is 't op lân my goed

Hjur haw 'k it sa frij
By skiep en kij
Sa frij op myn buorkerij.

Hwannear myn seine, gleon en skerp
De klaver meant op d' âlde terp,
Of 't miedegêrs op swéen leit
Dan is 't myn hert in hearlikheit:
Dré folje ik mei myn hea myn hûs
Ta simmernocht by winterrûs.
En 'k sjong myn fleurich liet:
't Is goed, hwat God my biedt,
Hwat haw 'k it hjir frij
By skiep en kij
Sa frij op myn buorkerij.

As 't ripe nôt, sa giel as goud
Myn sichte nacht en wille jowt
En aenst' de skeaven, my ta lean
Yn rige op swiere stûken stean,
Dan fiel ik hwat in segen 't is
Op 't fjild to skeppen soun en fris.
En 'k sjong om 't God my hoed't:
Hwat is 't as boer my goed
Ik haw it sa frij
By skiep en kij
Sa frij yn myn buorkerij.

A. M. Wybenga.

61. SKIPPERSSANKJE.

Forjit my net, as bolle wyntsjes waeije
En ik oan 't roer myn sankje sjong;
As kroze weagen 't glèdskip omaeije;
Forjit, forjit my net!

Forjit my net, as millioenen stjerren
En't freonlik moantsje my biskynt
En dou swiet dream hast yn 'e sêfte fearren;
Forjit, forjit my net!

Forjit my net as wylde touwerfleagen
My slingerje, dêr 't God it wol;
As ik ompolskje mei de dead foar eagen;
Forjit, forjit my net!

Forjit my net, as wreid de stoarmen bylje
En 't libben hinget oan in tried;
As wy forslein oan 't needtou ride en fylje;
Forjit, forjit my net!

Forjit my net, as w' einlings jit forsinke
En teare yn 'e djippe sé;
Wol dan mei triennen, triennen om my tinke;
Forjit, forjit my net!

Dr. E. Halbertsma.

62. JONG-FRIEZEN, WEITSJE OP!

Wize: *Deutschland, Deutschland über alles.*

Fryske jonges, fryske famkes,
Bern fan fean en klei en sâns,
Oeral hwer 't jim wenje meije,
Tusken Skâns en Gaesterlân,
Ja jit bûten Fryslân's grinzen
Yn 'e dijpten fan de wrâld:
Weitsje op jim, dat wy witte
Hoe jim fan ús Fryslân hâld'!

Fryslân freget jonge striders,
Bern mei 'n sterke leafde yn 't hert;
Dy wer witte, hwat hja wolle,
Mar de frjemdsin woll' hja net,
Dy 't mei Fryslâns folk wer hâld'e,
Dy wer sprekké Fryslân's tael,
Dy inoarren wekker skodzje
Ta de striid om 't ideael.

't Ideael om Fries to wêzen,
Fries yn hert en holle en hân;
Dy foar God allinne búget,
En dan striidt foar folk en lân.
Dy ek striidt tsjin Friez'ne sünden,
En himsels en Fryslâns lot
Oerjowt oan der folken Hoeder,
Oerjowt oan ús Fryslâns God.

A. J. Montsma.

63. SIMMERJOUN OP IT WETTER.

Sa stil leit de wrâld om ús hinne
Yn 't lêste reagoudene ljocht,
't Is of we yn in tempel hjir binne
Mei om ús Gods wûndere pracht.

Frede, frede preket natûr,
Frede fier oer de fjilden;
't Klokje jinsen út de âlde toer
Lette 'er syn frederop oer.

Sa glêd en sa stil leit it wetter,
En heech bûcht de himel der oer;
Hjir fielt him de minske wer better,
Hjir mids yn Gods frije natûr.
Frede, frede oeral yn 't roun,
Frede fier oer de fjilden;
Yn sa'n stille, sillige jouw
Wurdt it siik herte wer soun.

Sa rêtstich en stil is 't fan binnen
As om ús Gods hearlike wrâld;
Us herte soe bern wêze kinne
Sa 't mem yn har earmen it hâldt.
Frede, frede fier yn 't rounom,
Frede glânzget fan boppen;
't Minskehert fielt him nou sa rom,
't Foun ek de frede werom.

O. H. Sytstra.

64. DER UT NOU!

De Maeitiid is kommen!
Nou bloeije de blommen
En wrotte út it grêf, dêr 't de hjerst har yn smiet,
De winter fortige,
De súdbernkes sige
Oer 't ryk, dat de âld Noarman yn swymmodde liet.

Der út nou, ha wille!
De kimen dy tille,
Nij ljocht en nij libben oertrillet it mêd!
Nij ljocht bringt syn gloede,
Nij libben syn groede,
En alles hwat slommet ûntjowt him nou rêd.

Jan fen 'e Gaestmar.

65. JOUNWIJINGE.

Wize: *Het angelus klept in de verte.*

De jounklokken galmje oer 'e fjilden;
Hja wije de wâlden ta rêtst.
Ald beppe sit drôgjend foar 'e úndoar,
Har bernsbern stean' harkjend dêr nêst.
Beppe bidt sunich de jounshea;
De bernkes sizze 'm har nei....
In sinnestriel boartet troch 't beamte;
Jitt' glimket de stjerrende dei....

It lûstert sa frjemd yn 'e blêdden,
As swietreaunt fan heger Biwâld....
De jounsignen pattet de wâlden
En bringt jin Gods leafde yn 't ûnthâld.
Jountiid, dou leaflike, skiene!
Hoe hâldste ús tinzen dochs fêst;
Hoe fierste ús nei boppen, hoe lûkstou
Us herte nei de ivige rêtst!

Jan fen 'e Gaestmar.

66. WURKMANSLIET.

Hwa 't moarms mei nocht syn wûrk bigjint
En alles docht mei folle moed,
Hwa 't neatwaen skoudert as in kwea
Is 't ûnder 't swierster wûrk noch goed)
Hy wit by 't skreppen, de lea to reppen) 2 x
En 't jowt him nijje libbensmoed.)

Hwa 't fiks bigjint yn de iere moarn,
Foar him is jouns de rête swiet,
Syn spize en drank bikomt him skoan,
't Jowt nijje krêft en bant fortriet.)
En skynt de sinne, moarms oer de finne) 2 x
Dan sjongt er bliid syn moarntiidsliet.)

It warkjen is foar ús gjin krús,
 Wy binn' fan 't wark alhiel net bang,
 En sitt' we jountiids noflik thús,
 Wy priijsje God dan troch ús sang. }
 Foar God to libjen, dat is ús stribjen, } 2 x
 Him loovje wy ús libben lang. }

Oersetting fan O. S. Akkerman.

67. PSALM 27 : 1, 7.

God is myn ljocht, myn heil, myn treast en blidens.
 Soe my de frees foar 'n minske om 't herte slaen?
 De Heare jowt de libbenskréft yn swidens,
 Hwat minske soe my deadsfordjerren dwaen?
 Doe't boaze ras opdage en nei my socht,
 Fijannich folk myn flésk tel t' iten tocht,
 Hat sels dit skaei, dat winsket nei myn dea,
 De fuotten staet, 't foel yn ilinde en kwea.

Hie 'k net fortroud, net leaud, dat my it goede
 Wer riizje soe, dat ik Syn gunst wer seach;
 Myn God, hoe slim, hoe bang wie 't my to moede!
 Oerstjalpe wie 'k fan leed en lëst en pleach!
 Hoopje op de Hear, Godleavjend folk mei moed,
 De Hear is trou, fan Him komt alle goed;
 Bliuw sterke; Hy komt, bisterket myld jim 't hert;
 Forwachtsje Him, forhoopje, en twiivlje net.

A. M. Wybenga.

68. PSALM 42 : 1, 3, 5.

Langjend nei de koele streamen
 Skreaut it hart út droege kiel;
 Sa, út ierde dwelm en dreamen,
 Skreaut ta Jo, o God, myn siel,
 Dy't fan toarst, as 't hymjend hart,
 Nei de libb'ne God fortart.
 Hwannear sil ik yngong fine
 Foar Jins oantlit wer forkine?

Nou, hwat bûchst' dy del, myn siele?
 Hwerom bist yn my eerstjûr?
 Wol wêr 't âld bitrouwen fiele
 Jow wer yn Gods hanner 't oer.
 Ja, Him loovje sil ik noch,
 Al myn bange tiden troch;
 Moat ik duldzje, moat ik lije,
 Ienris sil my God bifrije.

Mar de Hear sil útkomst witte,
 Hy dy't deis Syn gunst gebiedt.
 Nea sil my Syn trou forlitte.
 Yn 'e nacht jowt Hy in liet.
 Ut myn djipste ramp en wea,
 Kliuwt ta Him myn klachte en bea,
 Sil myn siel ta Him, de Heare,
 Ta syn God en libben keare.

F. Schurer.

69. PSALM 63 : 1, 2, 3.

O God, Jo binn' myn heil, myn goed,
 'k Moat Jo mei hertsforlangen sykke
 Sadré de twange skaden wykje,
 By de eerste mylde dagegloed.
 Hoe toarstet myn toskroeide siele!
 Hoe longrje myn toroppe lea!
 Yn 't ôfmêd lân, forskroeid en dea,
 Hymje ik, o Hear, om Jins skewiele.

Wiswier, 'k haw Jo yn 't hillichdom
 Mei froalik each en herte oanskôge;
 Hoe 't leafde me yn myn siele lôge!
 Hoe murk ik sterktme en eare en rom!
 Mear kostlik as ús lok op ierde,
 Us libben, is Jins gunst en goed;
 Nou jûblje ik heech mei lippe en moed:
 Myn God sil fan Syn feint net skiede!

Sa sil myn hert mei sulverklang
Jins Namme en swide goedens priizje;
Nou mei myn blide tanksang riizje
'k Sil loovje en júblje it libben lang!
Myn hannen heevje ik peinzjensstille:
Jo sêdzje my mei 't ealst geniet;
Myn mûle lovet yn myn liet,
Myn lippe sjongt fan heilge' wille.

A. M. Wybenga.

70. PSALM 65 : 1, 2.

De siter klinkt, de sangen rize
Ut Sions stiltme wei;
Dêr sil men God de tank biwize
Unthjitten dei op dei.
Jo, trouwe hearder fan ús bidden,
Wol ek dit liet forsteaan.
Sa mei wer 't folk út elts formidden
Démoedich ta Jo gean.

In stream fan sünde en euvle dieden
Dreau tiden lang my mei.
Mar ús oerhearrich tsjinwar bidden
Wurdt yn Jins leafde wei.
Wolsillich dy't J' yn útkar nimme
Om boppe al 't ierdsk gerûs
To harkjen nei Jins eigen stimme
To wenjen yn Jins hûs.

F. Schurer.

71. PSALM 68 : 16, 17.

Fall', keninkriken, del yn 't stof,
Bring mei in feardich herte lof,
O hegen mei de kroane!
Sjong blide psalmen t' aller tiid
Him, Dy 't yn 's himels sealen riidt,
Dêr stiet fan âlds Syn troane;
Syn stimme tsjûgt fan great biwâld,
Hy hearsket oer de wide wrâld:

Jow sterktme aan Him, de Heare!
Syn Majestet is oer Syn folk
En heech yn swurk en wite wolk'
Bitoant er sterktme en eare.

Great is de God fan Israël,
Him duchtsje wy, wy bûge ús del:
Hy 's great yn 't hillichdomme!
't Is de iiyge God Dy't sterktme jowt
Oan 't folk dat op Syn macht bitrouw;
't Mei loovjend ta Him komme!

A. M. Wybenga.

72. PSALM 73 : 12, 13.

Nou slynt de twivel wei, ik bliuw
Bistindich weitsjend ticht by Jo;
Jo woenen me op in hichte sette;
Jo haw myn hân, myn rjuchte fette;
Jo sill' my liede troch Jins ried
Ut al myn lijen en fortriet;
En as myn stof to rêsten leit
Oanskôgje ik Jo yn hearlikheit.

Hwa haw ik boppe Jo omheech?
Foar hwa soe boppe Jo omleech
Myn fan Jins hannen sêdde siele
In lôge súvre leafde fiele?
Bijowe har myn liif en lea,
Komt oer myn flêsk de kâlde dea, —
Jo bliuwe stipe foar myn siel,
Myn rots, myn heil, myn ivich diel.

A. M. Wybenga.

73. PSALM 75 : 1.

Jo allinnich loovje wy,
Ja wy loovje ús heech üntwyk,
Hwant Jins namme yn eare ryk
Is ús ta ús blidens by!
Sa fortelt men yn ús lân
Heech de dieden fan Jins hân.

74. PSALM 84 : 2, 6.

Sels fynt de mosk in hûs ta rêt;
It swealtsje bout har kunstich nêst,
In noflik wenplak foar har jongen
By de alters ta Jins eare, o God!
Jo geane oer aller skepsele lot,
O Kening, noait genôch bisongen;
't Is yn Jins hûs my wûndre skoan,
Dêr priizget men Jins Namme aloan.

Us Heare God, sa goed, sa myld,
Is de ieuwen lâns in sinne en skyld;
Genede jowt Er rynsk en eare;
It goede ûnthâldt Er harren net
Dy't wannlje nei Syn wisse wet
En libje nei Syn ljochte leare.
Loksillich, dy't Jo de eare jowt,
O Heare, en fêst op Jo bitrouw.

A. M. Wybenga.

75. PSALM 85 : 1.

Jo hawwe o Hear, Jins lân genedich west
En skikten ús nei stûfe finzniis rêt;
Jo skonken ús in ljochte simmerdei
En namen lêst en swiere skulden wei;
Us sünden binn' bidutsen en forjown,
De frede is oer ús wenten en ús groun;
Wy amje rom, nou't Jins forgrimens wykt,
Gjin likkens mear, mar gunst en heil ús blykt.

A. M. Wybenga.

76. PSALM 98 : 1.

Sjong nou in treftich liet ús Heare,
In nije sang rûzje oer ús lân;
Bring God, de Heilge, lof en eare
Om 't wûndre wukjen fan Syn hân;

Hy docht Syn heil oan 't folk to witten,
Gerjochtigens blinkt de ierde yn 't roun;
Hy hat de heidnen fiele littin
De segen oan Syn gunstfolk jown.

A. M. Wybenga.

77. PSALM 105 : 1, 5, 24.

Sjong, loovje God mei siele en ammel!
Oanbid Syn hege en heilige Namme;
Lit alle folk yn ider lân
De dieden witte fan Syn hân;
En sprek mei oandacht fan Syn wei
En sterke wûnders dei by dei.

God sil Syn sizzen nea forjitte
Mar ivich stiet hwat Hy ûnthijitte;
Rjocht suver bliuwt Syn trouforboun,
Hy bliuwt by 't wurd Syn tsjinstfeint jown;
En 't fierste team, en 't jongste bern
Sil Him 't forboun biseegljen sjen.

Sa joech ús God har lân en spize,
Woe harren gunst op gunst biwize,
Dat hja aloan mei folchsum hert
Har skikke soene nei Syn wet,
En sjonge 't bliid Hallélujah
Him ivich yn har lofsang ta.

A. M. Wybenga.

78. PSALM 119 : 3, 5, 22.

Och wie myn foet yn sterke wannel fêst
Om 't paed to gean dat Jo as 't rjochte ús setten;
Biwarje ik dat, dan fynt myn siele rêt,
Dan stean ik heech, gjin skande lûkt me yn smerten,
Honear ik 't each, dat yn Jins tsjûgnis lêst
Hâlder op 't gebot en Jins ljochtglânze wetten.

Hlo hâldt in feint syn jonge dagen rein,
Syn paden skjin? Mei op Jins wurd to letten,

Op de iivge wet oan de earme doarmer sein.
Ik freegje o Hear, nei Jo fan gânsker herten,
Jo skikke it rjocht. Jo haw myn wegen lein:
Lit my net dwale ôfkearich fan Jins wetten.

Untnim it wurd der goudne wierheit net
Alhielandal my fan 'e mûle o Hear!
'k Hoopje op Jins heil, dat my yn fêstens set,
'k Sjoch yn 't gebot it ljocht, it súvre kleare;
Ik doch mei flyt dy godlik-hege wet.
Yn ivichheit bring ik Jins tsjûgnis de eare.

A. M. Wybenga.

79. PSALM 133.

't Is goed, 't is skoan, as bruorren meiinoar kinne,
Yn foar en tsjin elkoar wjerdearjend minne
Dan bloeit de leafde-roas sa ryk;
Dat 's oan de salve en kostlike oalje lyk
Dy't Aron oan it heilich amt forbynt,
Dêr't fan yn 't hert de wjerglâns skynt.

Dy leafde is blank yn stille hope en leauwe;
Dy leafde is lyk oan Hermons keine dauwe,
Dy't prûzich nei de lichten wynt,
Oer Sions berch mei wite weagen tynt;
Dy't delslacht op 't fan God biwenne sté,
Dêr fruchten skikt en gunst en fré.

Dêr't leafde bynt, dêr dauwet op ús wegen,
Ut 's Hearre hân, in skat fan mylde segen
En 't libben oant yn ivichheit.

A. M. Wybenga.

80. GESANG 2 : 1, 5.

De hege God allinne de ear,
Bûch biddend del foar Him, de Hear,
Elk moat Him tank biwiizje.
Ja, Him, hwaens each sa einleas goed,
Oer minsken giet yn teare noed,
Him moat al 't skepsel priizje.

Wy loovje heech Syn iivge rom,
Hy seach meilydsum nei ús om,
Hy joech ús freugde en frede;
Sjong dan Syn greate Namme en ear,
Oanbid en búgje foar de Hear,
Sjong God, sjong Syn genede.

Sjong, ierde en himel, sjong de Hear,
It trijris hillich jow Him ear,
Him, al ús langstme en winsken.
Driuw' fol fan lof de himelromt'
Foar Him dy't is, dy't wie, dy't komt,
En wenje wol by minsken.

F. Schurer.

81. GESANG 3 : 1, 2, 6.

Te Deum laudamus.

Jins Namme, greate God, moat lof en eare ha,
Al 't skepsel, iiv'ge Heit, bringt Jo syn hulde ta.
Lit Ingels, Serafs, Cherubs, Machten, Krêften sjonge,
En riiz' fan de ierd Jins rom yn alle tael en tonge:
Trijien'ge, Jo, dy't wiene, binne en wêze sille,
Dat fan Jins hearlikheit de hege himels tille.

De Apostels loovje Jo, forhearlike om Jins troan;
Profeten tsjûgje lûd en priizje Jo aloan.
De Hallels sjitte omheech út brede en blanke koaren
Fan Martlers dy't foar Jo yn bloed en bannen stoaren;
't Is hiel Jins tsjerke, oft hja striidt ef triomfearet,
Dy't Jo bilydnis docht en Jo yn sangen earet.

Wy seingje Jo, o Hear, fan de iene yn de oare dei;
Us lof giet ivich yn alle ivichheden wei.
Lit troch ús nacht de tekens fan Jins leafde flamje;
Biwarje ús, wol ús dimm'ne hope net biskamje.
Jins kommen lukt ús hert, dêr giet ús langstme hinne—
Untfermje Jo, o Hear, en lit ús net allinne!

F. Schurer.

82. GESANG 4 : 1, 2, 8.

De Hear is God, en nimmen mear,
Him sill' w' ús sangen biede!
Hwa is sa hearlik as ús Hear
Yn himel of op ierde?
De Hear is great, Syn wurk folstein
En fan Syn tréften is gjin ein,
En ivich is Syn wêzen.

Hy is en bliuwt allyk Hy is
Hoefier de tiden streame,
Hwa sil Syn Namme heimenis
Trochgrounjie of bineame?
Wy bin in mannich jierren âld,
Mar Hy wie earder as de wrâld,
En earder as de himel.

Kin 't strielen fan dy hillichheit
In súnder ea forneare?
Troch 't leauwe mei 'k Jins hearlichkeit
Yn Kristus skôgjen leare.
Nou klinkt myn lofliet: Hy is great,
De Hear is net to neamen great,
Uneinich great Syn leafde!

F. Schurer.

83. GESANG 7 : 1, 2, 3, 4.

Op bergen en woastinen,
Yn sé en loft is God;
Ik wit gjin lân to finen,
Of dêr is oeral God.
Hwer't ea myn tinzen sveven
Of stiigden, dêr wie God;
Omleech en heech forheven.
Is God en oeral God.

Syn eagen geane yn trouwe
Oer aller minsken dwaen;
Hy wol, hwa't op Him bouwe,
Syn help en hoede jaen.

Hy heart de fûgels roppen,
Hy klaeit de lânnen grien;
Syn seine falt fan boppen
En Hy forjut net ien.

Jim ierde wyld gewrimel
Fan sé en loft en strân;
Jim fûgels fan 'e himel,
Jim fé fan bosk en lân —
Hwat libben hat en krêften,
Jim fine dei en nacht
Yn tûzen goede jeften
De tekens fan Syn macht.

Heil, Kristen! oan myn iene
En oare side is God;
Dêr't w' ús forlitten miene
Yn 't ienlike leed, is God.
Dêr't trouwe freonehannen
Net rôdde, dêr is God;
Yn dea en deadske bannen
Is God, en oeral God.

F. Schurer.

84. GESANG 11 : 1, 6.

Reinvis Feith.

God fan wierheit, hill'ge Heare,
Dy't nei 't suver herte sjocht,
Ivich Ljocht, hwerút in kleare
Welle úntstreamt fan lotter ljocht;
Wol ús herten altyd mear
Mei Jins hillichheit, o Hear,
Sa bistrielje, sa fornije,
Dat hja hillich wurde meije.

Hillich God, o rjochtsje ús winsken
Op Jins ivich Keninkryk;
Meitsje ús, swakke, sünd'ge minsken,
Oan Jins hearlik byld allyk.

Dat wy ienkear om Jins troan,
As forlost fan Jins Soan,
Rein en suver, bliid fan tonge,
't „Hillich, hillich, hillich“ sjonge.

F. Schurer.

85. GESANG 17 : 1, 2, 3.

Dy't yn de goede God bitrouwe
En hoopje op Him by nacht en dei,
Dy't yn Syn hân har libben jowe,
Bliuwt Hy yn need en lij'en nei.
Hy makket faek, yn 't bangste wé,
In wûnder hearlike útkomst ré.

Hwerom sa'n swiere soarch to dragen?
Hwat jowt it, jimmer bûchd to gaen?
Hwat jowt it, as wy alle dagen
Al kleie oer ús drôf bisteant?
Wy meitsje sa d' illinde en need
Jit slimmer troch ús klachte en leed.

Wês stil, en swij dyn Leaven Heare,
Rêst yn Syn ried mei dimmen moed.
't Sil alles ta dyn seine keare;
Syn wil is 't, dy't de wrâld bistjûrt.
Hy hat ús ta Syn bern forkard,
Hy wit, hwat elts fanneden hat.

F. Schurer.

86. GESANG 20 : 1, 2, 8, 9.

Us hert is bliid en wol to moed
Om 't God ús hiele libben stjûrt;
Fan Him komt lok en leed ús ta,
Hy jowt ús hwat wy nedich ha.

Wy leauwe yn alles hwat ús met;
Hy hâldt de skealjes fan ús smert.
Syn wiisheit wit, oft faeks fortriet
Us 't bêste nei de himel fier.

Moat wy de tsjustere dea-wei gean
Dan lit elk ierdske freon ús stean;
Mar Hy, de Freon dy't nea wer skaet,
Hy draecht ús oer dat dûnker paed.

Kom, gean wy dan mei moed op wei,
Yn 't fêst bitrouwien: God giet mei!
En tink, al falt it faken swier:
It sillich ein is net sa fier!

F. Schurer.

87. GESANG 22.

Rêst, myn siele, God is Kening,
Hiel de grote wrâld Syn ryk;
Alles wikselt op Syn winken,
Mar Hy bliuwt himsels allyk.

Ider driuwit hjir om foroaring
En biklaget se eltsde dei —
Rikt ûnrêstich nei de takomst,
Skriemt forteine tiden nei.

Rêst, myn siele, God is Kening,
Wês tofreden yn dyn lot.
Sjuch ho 't alles hjir foroaret:
Dû, bigear allinne God.

F. Schurer.

88. GESANG 38 : 1, 2, 3.

Alle rom is fier fandinne,
Unfortsjinne it sillich lean;
'k Mei troch frije gunst allinne
As forlosté súndaer stean.
Ear't yn mij dit libben flamme,
Ear't Gods wurd út nacht en neat
Wrâlden rôp ta macht en steat
Stie al yn Syn boek myn namme.
Minsketoinge en inglestim
God is Leafde, loovje Him!

Sà biskikte ús God it goede,
 Leave Hy in fällen wráld,
 Dat Hy d'Ienichberne stjürde
 Us ta rédding en biháld.
 Ja, doe't wy noch súndaers wiene
 Droech Gods Soan de flok foar ús
 Stoar ús Heilân oan in krús,
 Stoar foar ús, dy't súndaers binne
 Minsketoonge en inglestim
 God is Leafde, loovje Him!

Dat is folheit fan únferming,
 Dat genede, ryk en frij,
 God joech rédding, joech biskerming
 Joech se oan súndaers, jowt se ek my:
 Dogge my myn sünden rouwe,
 Dochty myn djip bidjer my smert,
 'k Skûlje doch oan 't Faderhert
 Mei syn wûndre fadertrouwue.
 Minsketoonge en inglestim
 God is Leafde, loovje Him!

A. M. Wybenga.

89. GESANG 39 : 1, 2, 3, 4.

Jezus nimt des súndaers oan,
 Wol dit treastlik boadskip ringen
 Harren, dy't forlaet, bidoarn,
 Feilige wegen mijje, bringe.
 Rjochte wegen wiist Gods Soan:
 Jezus nimt de súndaers oan.

Nea fortsjinnen wy dizz' skat,
 Mar it Wurd hat ús únfhijitten:
 Mylde gunst forlient ús God,
 Draech w' ek skulden bûten mijitte;
 Gean wy leauwend ta Gods Soan,
 Jezus nimt de súndaers oan.

As in hoeder trou en from
 Hellet Hy út woostenije

It forlerne skiep, werom
 En biwarret it foar lijien.
 Rjochte paden wiist Gods Soan:
 Jezus nimt de súndaers oan.

Kom ta Him, o kom ta Him,
 Súndaers kom, hoe toevje jimme!
 Hear Syn roppen, hear Syn stim:
 Godsberen sil Hy súndaers neame.
 Gean mei vrijens nei Gods Soan:
 Jezus nimt de súndaers oan.

Rinke Tolman.

90. GESANG 43.

Heech, omhegen hert en siele!
 Hjir op ierde is heil noch ljocht.
 Libben, lof en leafde fiele
 W' inkeld dêr't men Jezus sjocht.
 Hwat de wráld oan rykdom win',
 't Is foar 't kostlik hert to min.
 Wolst yn leafde en libben diele?
 Heech, omheech dan hert en siele!

Pracht en preal mei vrij hwat skine
 't Is oan de idelheit allyk.
 Mei de tiid sil 't al fordwine;
 Goud en sulver is as slyk.
 Neat, o Jezus, as Jins bloed
 Bringt ús rêt en frede yn't moed;
 Hwat wy leavje hjir op ierde,
 Neat kin ús foldwaning biede.

Sillich heil, dat w' ienris fine:
 God to libjen, súnder kwea,
 Súnder moeite, syktme of pine,
 Ivich vrij fan súnde en dea.
 Libje yn únfordoarn bisteann,
 Loovjend foar Gods troane gean —
 Ja, dit lûkt ús langst en stribjen;
 Dit is loovjen, leavjen, libjen!

Och, dat alle minskne tongen,
Alle ingelêd, o Hear,
Ien yn harmonije songen
Ivich ta Jins lof en ear.
Meitsje ús herten frij en rein,
Meitsje ús suver en folselein,
Dat wy Jo, úntboun fan de ierde,
Leafde, lof en libben biede.

F. Schurer.

91. GESANG 96.

Hallelujah! ivich tank en eare
Lof, oanbidding, wysheit, rom
Wêze op ierde en yn 'e himel, Heare!
Klinke foar Jins gunst rounom:
Fader, sjoch yn leafde op al ús wegen!
Soan des Faders, skink Jins gunst en segen!
Jins gemienskip, Heilge Geast!
Amen, jow ús iivge treast.

A. M. Wybenga.

92. GESANG 160 : 1, 2, 3, 6.

Uren, dagen, moannen, jierren
Wyndrje wei as flechtich skaed,
Bluistrich as de simmertirren
Driuwre se oer it minskepaed.
Laits en lok en ljochten wine
Rêd as reek en dampen wei;
't Hjoed foroaret ta 't forline,
Lit gjin tins fan foetleast nei.

Minskeslachten kwine hinne,
Under lêst fan muoiten mêt,
Efkes riizjend yn 'e sinne,
Gau forheistre as 't brutsen blêd.
Ta in foarich skaei forgarre
Dript de wêdom oer jins grêf;
't Minskebern, fan 't leed fornarre
Wurdt in hânfol moude en tsjêf.

Mar mei 't libbensfjûr forglimme,
Jezus Christus bliuwt myn skat;
'k Lústrje nei Syn iivge stimme
En Hy laet my ta myn God.
Mei my ramp en rouwe omhûvrje,
Mei 'k my búgje nei de groun,
God sil Sels myn wegen súvrje,
Hat my leauwe en hope jown.

Driuw dan, jierren, nei 't omfierren,
Mei jim dracht fan goed en kwea;
Hy, dêr boppe loft en stjirren,
God, myn God, foroaret nea.
Fâlle goed en freon en sibben,
Komt ek dea en grêf my nei —
'k Skôgje út dit forwykjend libben
Op in ivich fêste dei.

A. M. Wybenga.

93. DE JOUNSANG, 1, 4, 5.

'k Mei Jo, myn God, myn tanksang wije,
Jo priize yn 't stimmich jountyndsliet,
Forliest de dei yn hearskippje,
Jo binne it Ljocht dat noait forgiet;
Jo hawwe yn golle gunst my hoede,
My bystien, trouwer as in heit;
Jo joegen my in skat fan 't goede,
Dy't my Jou teare soargen seit.

Wol nou mei sêfte hân my dekke,
Hâld, Isrels Hoeder, hâld de wacht,
Jow my, as Jo my soun wer wekke,
To sjongen fan Jins ljocht en macht.
En mocht ik net op ierde úntweitsje,
Oan Jo bifeelje ik, Hear, myn geast;
Lit foar Jins troan my 't lok dan smeitsje,
Dat hjir myn útsicht wie en treast.

Ik wit oan Hwa't ik my bitrouwe,
Al wintlje en wikslye ek nacht en dei;
Ik fiel it heil tsjin smert en rouwe,
Ik wit myn foet op wisse wei.
En driuwt myn libbensjounthyd hinne,
En wyndert wei hwat de ierde biedt,—
Dan riist foar my in heger Sinne
En sjong ik Jo in reiner liet.

A. M. Wybenga.

94. WACHTER OP DE HEILGE MUORREN.

Eigen wize.

Kin op de wize fan Psalm 42.

Wachter op de heilge muorren,
Wachter, wynt de nacht hast wei?
Sjochst' it skeinend skead al skuorren
Foar de blide ljochtskynde?
Wis, ús longrjend hertsbiswiken
Kjirmet lûd om 't tsjuster-wiken,
Nei 't fordwinen fan de nacht,
Nei de sinne yn waerme pracht.

Sjuch, dêr ljochsje himelstjirren!
Wier, de wolkems wurde wei!
Hark, it fûgefloit omfierren
Sprekt ús fan de jonge dei.
Heidens dy't yn tsjuster sitte
Loaitsje 't laitsjend ljocht tomjitte;
Mei in blide wolkomstklang
Groetsje hja de dagesang.

Hwa, o God fan grote dieden
Sil gjin each op 't wunder slaen?
Op Jins út 'e djippe liedien
Ta in romme en frije baen?
Minskebernen, úntweitsje út sliepen,
Slaen jim dodzjende eagen iepen:
Rounom riist oer 't heidne-lân
Myld en goed de sinnebrân.

Heil en segen sprút omhegen,
Fjild en ikkers geurje yn 't grien,
Bûgjende ieren niigje omlegen:
Groede is oer Gods lânnen gien.
Alle folken sille komme,
Knielje froed en hertsforromme,
Jûchje yn 't sielehoedzjend ljocht,
Dat har folle vrijdom brocht.

A. M. Wybenga.

95. JOUNLIET.

't Sinneljocht moat fan ús skiede,
Jounydsdauw hinget oer 't gea;
Stilkes komt nou oer ús ierde
d'Ure fan rêt en fan bea.

Hearstû de jounklok?
Syn freonlike klang
Ropt dij op hûs oan
En noeget ta tank.
Lied mar, dû klokje, ja lied
Noegje ta rêt nei de died.

Skiepkes op skymrige heiden
Kuijerje yn keppels nei hûs;
Rêt leit oer bouwen en greiden,
Rêt oer paleizen en klûs.
Hearstû.....

't Fûgelt bij niigjende sinne
Swevet nei honk en nei nêst;
Hynders en kij yn 'e finne
Sykke ih plakje ta rêt.
Hearstû.....

Skittrjende stjerren fortelle:
Great is Gods greatens en macht;
Hy sil yn leafde forsellie
Jim yn 'e sliep fan 'e nacht.
Hearstû.....

(Oersetting.)

A. J. Montsma.

96. DE JIERGONG TROCH.

Al hwa't fan Jannewaerje is,
Oerein!
Al hwa't fan Jannewaerje is,
Oerein!
Al hwa't fan Jannewaerje is,
Dy nimt syn gleske fan 'e dis.
't Is wis, 't is wis, 't is wis.
't Is wis, 't is wis, 't is wis.

Al hwa't fan Febrewaerje is,
Hwa't fan 'e Maertemoanne is,
Hwa't fan 'e Aprilmoanne is,
Hwa't fan 'e Maeijemoanne is,
Hwa't fan 'e Junymoanne is,
Hwa't fan 'e Julymoanne is,
Hwa't fan Augustusmoanne is,
Hwa't fan Septimbermoanne is,
Hwa't fan Oktobermoanne is,
Hwa't fan Nowimbermoanne is,
Hwa't fan Desimbermoanne is,
Hwa't bûten alle moannen is,
Oerein.

S. E. W. B.

97. FIER HJIRWEI.

Hwer is nou dat fleurich selskip
Hwer de freonen fan alear,
Dy't sa bliid om't Krystfjür sieten
Ien yn waerm en gol petear?
Dêrk mei swalke yn lije jountiid
Nei in drokke simmerdei —
Och, hja bin forstruid, fortige
Fier hjirwei, fier hjirwei.

Guon bin tein nei fiere lânnen
Founen yn'e frjemdte in hûs,

Oaren farre op alle havens,
Driuwe yn stoarm en weachgebrûs.
Guon forlieten ús foar ivich
Om, út 'e ierdske wraksling wei,
Nei in better oard to reizgjen
Fier hjirwei, fier hjirwei.

Ink'le tsjûgen fan't forline
Bleauwen yn ús kritten oer,
Mar de tiid hat har foroare
Neat is hjir op ierd fan dûr.
En yn't riigjen fan syn jierren
Nimt de tiid ús dreamen mei,
Driuwt se, eart dit liet noch út is
Fier hjirwei, fier hjirwei.

98. OM UTENS.

Wize: Kentucky Home.

Nou blinkt de sinne oer it iepen Fryske gea,
't Is simmer, myn folk is to wûrk;
De loft is soel mei de rook fan't ripe hea;
En de rop fan strânljip, skries en ljûrk.
Nou boartsje bern by de jister en oan't paed,
De wyn draecht de úlittenens mei —
En ik bin hjir, nou sa fier fan Fryslân skaet:
O myn âlde heitelân, goedeil!
Stil nou mar, myn leave,
Ik fiel dyn mismoed mei,
En wy sjonge in sang fan ús goede Fryske groun,
Fan it leave heitelân, fier hjirwei.

Fan 't maitiid tomm'le de ljip dêr oer de wjuk,
Mar ik gean gjin nêsten mear nei —
De float sylde út by de skreau fan kobbe en muk,
Mar gjin fiskerman nimt my mear mei.
De dei skout swier as in skaedbyld oer myn hert,
'k Gean frjemd en ûnwennich myn wei;
En 'k rop dy oan út in ynlik djip forlet:

O myn âlde heitelân, goedei!
Stil nou mar, myn leave,
Ik fiel dyn mismoed mei,
En wy sjonge in sang fan ús goede Fryske groun,
Fan it leave heitelân, fier hjirwei.

't Wier need en lot dat ús útelkoarren dreau,
En 'k bin ek dit libben wol treast —
Mar djip yn 't moed, dêr 't in nuver langstme bleau,
Jildt my jimmer Frysln 't aldermeast.
En skielk, hwa wit, as de wei my iepen komt,
Dan folgje ik dy moanjende driuw,
En 'k gean werom nei dat lân fan bloei en blomt,
Nei myn lân, dêr 'k weikaem, hear en bliuw.
Stil nou mar, myn leave,
Ik fiel dyn mismoed mei,
En wy sjonge in sang fan ús goede Fryske groun,
Fan it leave heitelân, fier hjirwei.

Fedde Schurer.

99. DE WALDLANS JONGE.

Wize: The blue Bells of Scotland.

O hwer, en o hwer is dyn Wâldlâns jonge } (twaris)
 tein?
Hy weage op 't Wûnzer slachfjild syn }
 libben en syn bloed - } (twaris)
O myn hert sa oerstjûr, oer myn jonge }
 yn swiere noed! } (twaris)

O hwer, en o hwer hâldt dyn Wâldlâns } (twaris)
 jonge went?
Yn 't hûs „De Trije Klokken,” in herberch }
 skier en âld } (twaris)
O myn hert sa oerstjûr, dat syn leafde }
 yn oantins hâldt! } (twaris)

Yn hwat, yn hwat klean is dyn Wâldlâns } (twaris)
 jonge klaeid?

Syn jas, syn broek, syn kepy bin fan 't }
 selde fjildgriis snien - } (twaris)
O myn hert sa oerstjûr, hwant him leave }
 ik mear as ien! } (twaris)

En as dyn Wâldlâns jonge de dea } (twaris)
 op 't slachfjild foun?
It roumuzyk soe spylje oer it grêf } (twaris)
 by 't houten krûs - } (twaris)
O myn hert sa oerstjûr, wier myn jonge }
 feilich thûs! } (twaris)

En as dyn Wâldlâns jonge kaem soun } (twaris)
 en wol werom?
De klokken soene liede fol wille en } (twaris)
 blide moed } (twaris)
O myn hert sa oerstjûr, hwat waerd dan }
 it libben goed!

Fedde Schurer.

100. MYN LEAFSTE IS FIER OER DE WRALDSE.

Wize: My Bonnie is over the Ocean.

Myn leafste is fier oer de wrâldsé,
Myn leafste is oer 't weagene rom;
Myn leafste is fier oer de wrâldsé,
O, bring my myn leafste werom!
Bring my, bring my,
Bring my myn leafste werom, werom,
Bring my, bring my,
O, bring my myn leafste werom!

O winen, waei út oer de wrâldsé,
O winen oer 't weagene rom;
O winen, waei út oer de wrâldsé,
O, bring my myn leafste werom!
Bring my ensf.

In nacht hat in skrikbyld my jage,
En de eangst roun my kåld oer de lea;
In nacht hat in skrikbyld my jage:
Ik dr̄amde myn leafste wier dea.
Bring my ensf.

De winen ha waeid oer de wrâldsé,
De winen oer 't weagene rom;
De winen ha waeid oer de wrâldsé:
Hja brochten myn leafste werom.
Bring my ensf.

Fedde Schurer.

101. DE ALDE GOEDE TIID.

Wize: *Auld Lang Syne.*

Rekke âlde kunde yn 't forjit,
Forwiske mei de wyn?
Rekke âlde kunde yn 't forjit,
En dagen lang forlyn?
Op'e âlde goede tiid, myn freon,
Op'e âlde goede tiid -
Jit yn en nim in heildronk leech
Op'e âlde goede tiid.

Togearre swalken we oer de dyk,
En fier de fjilden yn -
Jit harkje wy nei't âld muzyk
Fan dagen lang forlyn.
Op'e âlde goede tiid ensf.

It lot hat ús yn mienskip laet
By rein en sinneskyn -
Doe hawwe ús wylde weagen skaet,
Al tiden lang forlyn.
Op'e âlde goede tiid ensf.

Myn trouwe freon, dêr is myn hân,
Liz dû dêr dines yn:
Wy hâlde wacht oer 't hillich lân
Fan tiden lang forlyn.
Op'e âlde goede tiid ensf.

Fedde Schurer.

102. MARTSEN FAN WALDSEIN.

Wize: *Bonnie Mary of Argyle.*

'k Hearde faek de jubel klinken
Fan ljurken boppe 't koarn;
'k Seach sa faek de dauwe blinken
Op in roas yn de iere moarn.
Mar in sang, jit djipper, tearder
Ha'k yn stille jountiid heard,
En ik mette in each, jit klearder
As de dauwe op 't roazeblêd:
't Wier dyn lûd, myn leave Martsen,
En dyn laits, sa gol en rein;
Dit skoep myn wrâld ta Eden,
Moaije Martsen fan Wâldsein.

Al bijowt dyn each syn klearens,
En dyn stap syn feard'ge krêft,
Al forliest dyn lûd syn tearens,
En dyn stal syn tsjoen en trêft -
Jit silstû my djürder wêze
As it djürste ierdsk bisit:
'k Haw dy leave om dyn skientme,
Mar net allinne om dit.
't Wier dyn hert, myn leave Martsen,
Sa nommel, goed en rein,
Dat my boun oan dy foar ivich,
Moaije Martsen fan Wâldsein.

Fedde Schurer.

Wize: *Annie Laurie.*

't Aldmarder klif leit ienlik
 Yn simmers sinnebrân,
 En 't wier dêr, dat Bouk fan Liuwe
 My joech har hert en hân.
 Hja joech my hân en hert,
 En dat forjit ik net;
 Né, dy Bouk, dy Bouk fan Liuwe,
 Dêr hie'k myn sin op set.

Har each is my de himel,
 Har hier in gouden reach;
 Har oantlit is it leafste
 Dat ea de sinne seach.
 Har each is himelblau,
 Ik hâld har ivich trou,
 En foar Bouk, foar Bouk fan Liuwe,
 Kies'k nea in oare vrou.

Har gong is licht en feardich,
 Har stal is rank as reid,
 Har lûd is inglesjongan,
 Har pea is sillichheit.
 Hja is de leafste yn't gea,
 En prinslik bin har lea:
 Ja, dy Bouk, dy Bouk fan Liuwe
 Dy leavje ik oant myn dea.

Fedde Schurer.

Y n h â l d

		Blêdsida		Blêdsida
	Foarwurd	2	32	Freegje, o myn
1	Frysk folksliet . . .	3	hert	27
2	Frede op ierde . . .	3	Skipke fan ús . .	28
3	De namme Jezus . . .	4	Jezus' hoede . . .	28
4	Ek foar my	5	Op nei Sion . . .	28
5	Des Kristens	35	As Kristus de	
	Faderlân	6	Hear	29
6	Bitrouwen	7	Leafde uttering . .	30
7	By't opgean fan 'e sinne	8	'k Leau yn Jezus .	31
	As Christus de	38	Dû wês wolkom,	
	Hear	8	berntsje	32
9	It hearlike lân	9	Jounbea	32
10	't Each omheech	10	Sjoch de minske .	33
11	It Lutherliet	11	De trouwe berne-freon	34
12	Krystpsalm	12	Fan seis frosken	
13	Yn de Kryst-nacht	13	(Humoreske) . . .	35
14	Oan Jezus	13	Rots der ieuwen .	36
15	De Krysttynge	14	Jounytdsdaue . .	37
16	Yn de iere moarn . . .	14	Simmermoarn . . .	38
17	Lofsang	15	De guozzen	39
18	By Jezus' berte	16	It finkje	40
19	Kom, rikke wy as bruorren	16	Skippersliet	40
20	Lit bliid ús sangen rize	18	Op 't iis	41
21	Bea om lytsens	19	De wâldsang	43
22	Nij libben	20	It Heitelân	43
23	Op hope	20	Fryske sang	44
24	Klokje klinkt	21	Flaggeliet	45
25	De bêste Freon	22	Us pake' klok . . .	46
26	Dér boppe sjongt	23	Greate Pier	48
27	Op Peaske	24	Wy, wy litte ús	
28	Boppe de stjerren	24	tael net farre! .	49
29	Kinst' it tal fan stjerren neame? . . .	25	War dy	50
30	Ek foar ús	26	Frysk Flaggeliet	51
31	Goed-Freed	26	De Grouster	
			weagen	52
			Lietsje fan'e boer .	53
			Skipperssankje .	54
			Jong-Friezen,	
			weitsje op! . . .	55

Blêdsida

63	Simmerjoun op it wetter	55	86	Gesang 20 : 1, 2, 8, 9	68
64	Dex tú nou!	56	87	Gesang 22	69
65	Jounwijinge	57	88	Gesang 38 : 1, 2, 3	69
66	Wurkmansliet	57	89	Gesang 39 : 1, 2, 3, 4	70
67	Psalm 27 : 1, 7	58	90	Gesang 43	71
68	Psalm 42 : 1, 3, 5	58	91	Gesang 96	72
69	Psalm 63 : 1, 2, 3	59	92	Gesang 160 : 1, 2, 3, 6	72
70	Psalm 65 : 1, 2	60	93	De Jounsang 1, 4, 5	73
71	Psalm 68 : 16, 17	60	94	Wachter op de heilige muorren .	74
72	Psalm 73 : 12, 13	61	95	Jounliet	75
73	Psalm 75 : 1	61	96	De jiergong troch .	76
74	Psalm 84 : 2, 6	62	97	Fier hjirwei	76
75	Psalm 85 : 1	62	98	Om utens	77
76	Psalm 98 : 1	62	99	De wâldlâns jonge	78
77	Psalm 105 : 1, 5, 24	63	100	Myn leafste is fier oer de wrâldsé .	79
78	Psalm 119 : 3, 5, 22	63	101	De âlde goede tid	80
79	Psalm 133	64	102	Martsen fan	81
80	Gesang 2 : 1, 5	64		Wâldsein	81
81	Gesang 3 : 1, 2, 6	65		Bouk fan Liuwe .	82
82	Gesang 4 : 1, 2, 8	66		Ynhâld	83
83	Gesang 7 : 1, 2, 3, 4	66			
84	Gesang 11 : 1, 6	67			
85	Gesang 17 : 1, 2, 3	68			

Blêdsida